D. KALMA

DE ROARDISTEN

IN SKIEDKINDICH TOANIELSTIK YN SAUN TAFERIELEN



UTJOWN BY BRANDENBURGH & Co. TO SNITS - 1934



DE ROARDISTEN

DE ROARDISTEN

IN SKIEDKINDICH
TOANIELSTIK YN
SAUN TAFRIELEN

FEN

D. KALMA

XXXIII

BRANDENBURGH & Co. TO SNITS · 1934

FOARWIRD.

It wirktúch fen in toanielspylder is syn lichem. De útris mei in moai kostúm tsjinnet ta neat as er it net wit to dragen; in greate tekst is weardeleas as er se net wit to sizzen en to spyljen. Syn lûd en de wize dêr't er det op brûkt, is fen great bilang, mar syn eachopslach, syn wêzen, syn gebeart is it net minder. Syn kinst bistiet hjiryn det er det lichem brûkt ta in útbylding fen in figuer dy't er net is, ef better sein, dy't er mar for in diel is. It toaniel komt troch syn wêzen moai ticht oan de sport; yn wierheit is it in folsleiner, heger, minskliker sport as dy't de record-jacht tsjinnet, it is in eale, greate en bisieljende sport yn tsjinst fen geastlike wearden.

It toaniel hat syn ûntstean en groun yn de godstsjinst, en makket him dêrfen nea los sûnder swiere skea. Toaniel, lyk as alle kinst, forhearliket eat; dit hoecht net God sels to wêzen — dêr't it toaniel wer mei forhúzje scoe nei de tsjerke en de timpel — , it kin ek God wêze yn ien fen Syn iepenbieringen, it kin ek in stik libben wêze dêr't Gods namme sels net yn neamd wirdt; mar dit stik libben moat jimmer sjoen wirde yn forbân en ienheit mei de groun fen alle libben. De skieding twiske toaniel en godstsjinst, dy't der op útrint det it toaniel heidensk wirdt en de godstsjinst forearmet, is tige bigreatlik. Yn in great kultuerlân as Ingelân is fen sa'n skieding twiske de Steatstsjerke en it liedende toaniel den ek gjin praet.

Mei foarljeafde kies ik dêrom myn stof yn sokke tiden en formiddens dêr't net allinne de ierdske perspektiven wiid yn binne, mar dêr't yn dy perspektiven ek heger ljocht falt. Yn „Kening Aldgillis" hat it konflikt Kristendom—Heidendom it liedende west; yn „Noarderljocht" det twiske de foldiedigens

fen en de ûntstiging oan it Libben; yn „In Maitiidsdream" de opgong fen in siele ta de Libbens-Heechtiid; yn „Wy Allegearre" it brekken fen it Evangeelje troch de bitizingen. Yn „Fryslân" wier it de gong fen it Fryske libben troch Heidenske en Kristlike tiden; yn „de Roardisten" is it de striid twisken Midsieusk Fryslân en it Fryslân fen de Uny.

Noch dit, noch de oare stikken binne miend as lês-drama's allinne; yn somlike, lyk as „Fryslân", is de literaire wearde net ienris liedend. Der is wolwis tocht oan toaniel; mar oan in oar toaniel as wy yn Fryslân hawwe; oan it toaniel dêr't wy yn it eardere Jongfryske in skym fen sjoen ha. Ik spekulearje dêr net bot oer eft der ea yn Fryslân in toaniel wêze scil lyk as ik my dream, al hoopje ik it. To'n earsten moat ik fen de lêzer freegje dizze stikken op to fieren mei it each fen syn geast; lyk as ik se sels ek opfierd ha, do't ik se skreau. Ik leau ek net det der moaijer opfieringen binne.

Ik jow den myn stikken, ynsafier't it spyljen oanbilanget, oan spylders dy't stribje nei it masterskip, nei it masterlik brûken fen hjar lichem yn tsjinst fen de geast. In stribjen nei *masterskip* — ja, det moast ús allegearre forienje.

D. KALMA.

PERSOANEN.

KAREL ROARDA.
FROUWE ROARDA, syn wiif.
JUW EDINGA, syn frjeon.
CAMMINGHA, DONIA, BOTNIA, HEMMEMA, GROVESTINS, WINIA } ealljuwe, leden fen de Steaten.
GERRYT JAPIKS, abbet fen Klearkamp.
WILLEM LOADEWYK FEN NASSAU.
VAN REID, syn geheimskriuwer.
BALTHAZAR ARNEMIUS, ds. to Hantumhuzen.
JELLE FETSES, weardsman to Ljouwert.
SAEP, faem.
OEGE, letter hjar man, opfolger fen Jelle Fetses.
PIER LOLKES, in boerejonge.
FROUWE MACHTELD, ealfrouwe oan it hof fen de steedhâlder.
IN BOADSKIPPER yn it leger fen de steedhâlder.
FRYSLAN, in dreamforskining.

De tafrielen spylje:

I.	Yn in weardshûs to Ljouwert	1580
II.	Yn de wirkkeamer fen Willem Loadewyk . . .	1587
III.	Yn it Ljouwerter weardshûs	1594
IV.	Yn de tinte fen de steedhâlder foar Grins . .	1594
V.	Gearsit fen Deputearre Steaten op it Lânshûs .	1596
VI.	Op Roarda-state to Idaerd	1601
VII.	Yn de tsjerke to Idaerd (epiloog)	1609

FOARSTE TAFRIEL.

Ljouwert, in keamer yn in weardshûs. — De faem, Saep, dwaende mei it fjûr op 'e hird; opkomt Jelle Fetses, de weard.

De Weard :

Oanmeitsje, fanke, oanmeitsje! Yet altyd oan it knoffeljen mei it fjûr? Witste net det it hiele hûs yn touwen hinget? Det de hearen hjir foartendalik wêze kinne? Det alles for hjar klear stean moat, in waerme hird, in sêft bêd, in tige miel, in swiet wyntsje? Moatte wy it hjarren net nei it sin meitsje yn alle ding? Mar mei det gepiel en gedrôch fen jimme scoe yen de hiele nearing ûntkomme.

Saep :

Krekt eft men it hjir troch in dei yet net bannigernôch hat! Om my kinne dy hege hearen dêr bliuwe. Men hat de droktme, en jo strike de fortsjinst op. Jo winne jild as wetter, mar for ús kin der amper in foarntsje ôf.

De Weard :

Fanke, fanke, hwet slachstû wer bûten. Fortsjinje seistû, mei det hege bisiik? Noed en soargen, oars neat. Mar de eare fen it hûs moat men dochs heechhâlde. Fensels, in hear bringt men mear yn rekken as in boarger. Mar in boarger bitellet, en in hear net. Dy achtet it genôch det er yen de eare oandocht. En as alles net yn 'e es is, flokke en fûterje se yen út.

Saep :

Soa, wolle jo my det wysmeitsje. Nou, den scil ik dy hearen ris fortelle hwet my fen sok dwaen tinkt. Den wol ik wolris witte eft sa'n man dy't dêr heech op in stins sit, it mei syn eare yn 't lyk bringe kin en rin op skobberdebonk by ljue dy't it fen de fortsjinst ha moatte. Dêr scil *ik* hjar den ris nei ûnderstean.

De Weard :

Astû dêr in wird fen kikst, hast hjeljoun, det haw *ik* dy to sizzen. Dy boaden langer, it binne neilen oan yens deafet. Bretael as de kweade, alle earbied is der út. Det komt fen al dy nijljochterij tsjintwirdich. Sûnt de kening net mear baes is yn 't lân, is *men* gjin baes mear yn 'e hûs.

Saep :

Jo koene wol in papist wêze.

De Weard :

Ik bin hwer't ik it fen ha moat. Ik bimoei my net mei in oar syn dingen. En as elts sa die, wier de wrâld in stik frediger. Fij, al dy striid tsjintwirdich. Men wit amper mear hwa't de baes is. Nou, bist' hjir klear?

Saep :

(Oerein, wylst it fjûr opljochtet, en mei hjar swarte hannen op 'e weard ta.) Ik bin hjir klear en as jo my nou yet langer driuwe, den scil ik jo. Det ivige gefiter en geferch!

De Weard :

(Tsjinakseljend.) Fen my ôfbliuwe, siz ik dy! Fij hwet in rare oanslaggen! Nei de koken! Ik bin dyn soldaet net!

Saep :

(Jowt him in pear swarte streken oer it antlit.) Nè, âlde brombear, det is tige wier. Dy binne jo net. Den scoe ik jo oars! Sa! *(Pattet him flechtich en scil hird foart; de doar giet iepen; baes Jelle stiet slim forbouwerearre.)*

TWADDE TOANIEL.

Opkomt Juw Edinga, in jong ealman.

Edinga :

Ik kom tige fen ûnpas, liket it.

De Weard :

Hielendal net, hear Edinga, hielendal net. Kluchten, rare oanslaggen allegearre. De earbied giet der langer hielendal út, sei ik krekt sa. It binne rare, nuvere tiden.

Edinga :

Jo binne in raer, nuver man, as jo jo yn sokke omstannichheden yet oer de tiden bikleije. *(Hy sjucht opmerksum nei Saep, dy't fen ruten spilet.)* Jo ha myn tynge krige?

De Weard :

Wis, hear Edinga. Op alles is rekkene. De hearen kinne mar komme.

Edinga :

Wy kinne hjir feilich en frij rieplachtsje?

De Weard :

Salang't de hearen myn feiligens en frijdom noedzje, mei alle wille.

Edinga :

Hwet miene jo dêrmei?

De Weard :

Dit hear, det lyk as ik sei, it rare, nuvere tiden binne. En elts moat mar opkomme for himsels. En him net yn noedlike dingen jaen. Bygelyks, hjir komme fiif hearen to praten — goed, dêr stiket neat yn. Mar hwa wit hwer't hja oer prate, hear? En hwet derfen komt? En ho't myn weardshûs „It Forgilden Fet," dêrtroch lije kin yn syn goede namme? Dêrom hear, wy binne ta jim tsjinst, ús hûs stiet for jim iepen. Mar wy moatte om ússels tinke, hear.

Edinga :

As jo tinke det der in gearswarring ûnder jou dak wankt, set jo dy soarch den mar út 'e holle.

De Weard :

In gearswarring, det giet safier, hear. Mar it is sa'n nuvere tiid yn alles. Bygelyks, wy binne allegearre de nije leare tadien, mar as de Spanjoal hjir skielk wer is, den binne wy wer Roomsk. Wy ha hjir yn Ljouwert al hiel hwet bilibbe, hear. En njunkenlytsen rint de holle yen troch. Us kening, hear, is dy ús kening noch wol? Ef de aertshertoch ef de prins fen Oranje,

nei hwa moat men hearre? En ús steedhâlder, de hear fen Rennenberg — God mei him hoedzje — wit dy sels wol hwet er is, Roomsk ef Herfoarme? En de greate hearen ha goed tsieren, mar hwa bilijt it? De lytse man, wy. As wy ús effen forsinne yn hwa't nou de macht hat, hear, dêr geane wy, it tichthûs yn, en miskien in minder wei. Dy't in bidriuw hat as men, hear, dy moat gâns noedzje.

Edinga :

Dy't in hert hat, is ré to libjen en to stjerren for syn oertsjûging.

De Weard :

Myn oertsjûging, hear, is det ik gjin skea lije kin yn myn bidriuw, en det ik dêrfor libje moat.

Edinga :

Ik hie jo earder forstean moatten. Is dit genôch? *(Jowt him jild.)*

De Weard :

Hear . . . wier . . .

Edinga :

Ik kin ek oars omsjen.

De Weard :

Biljeaven net, hear. Lyk as jo sizze, hear, men moat hwet for de saek noedzje. Biskôgje dit hûs as jouwes, hear. It is fortretlikernôch, mar men moat der nou ienris fen libje.

Edinga :

Genôch. Ik leau, myn selskip komt. Wiis hjar hjirhinne.

De Weard :

Wis hear.

TREDDE TOANIEL.

Edinga allinne.

Edinga :

(By it hirdfjûr, by himsels:) De kening . . . de aertshertoch . . . Oranje . . . Rennenberg . . . De tiran, de strieman, de

bifrijer . . . mar Rennenberg . . . hwet wol Rennenberg . . . en oan him hinget hjir alles . . .

FJIRDE TOANIEL.

Opkomme Karel Roarda, Cammingha, Donia, Botnia, ealljuwe; Gerryt Japiks, abbet fen Klearkamp.

Roarda :

Edinga, tank for jou goede soarch. Hjir kinne wy treflik plachtsje. Lit ús sitten gean. Ik kin hjir mar koart toevje, hearen, ik kin op myn Fryske post yn Hollân net mist wirde. Mar as ik weromgean, hoopje ik mear klearrichheit to hawwen oer Fryslân as oant nou ta.

Botnia :

De klearrichheit scil meast fen josels komme moatte, Roarda. Yn slimmer tizernij as tsjintwirdich hat Fryslân sels yn de dagen fen Skieringers en Fetkeapers net west. Noch yn it geastlike noch yn it steatkindige wit immen hwet der wankt. De striid twisken Roomsk en herfoarme is by ús net ta in útdragen saek kommen. De steedhâlder wirdt by de dei mear eltsenien in riedling. Dêrby de wrok det de lieding fen it forset allinne yn Hollân leit. En sels wanke der wer nije skelen twisken it lân en de stêdden.

Gerryt Japiks:

As wy klearrichheit fen oaren forwachtsje, lit ús den alderearst ússels op klearrichheit ûnderstean. It is wier, de bitizing is great, godlike en minsklike wetten binne ûnthilge en forret. Dochs is der, trije jier lyn, ien wet steld oer ús allegearre dy't ta heil wêze kinnen hie ek fen ús folk. Der waerd ús in útwei wiisd yn de Pasifikaesje fen Gint. Wy tochten, wy hiene leard, de godstsjinstige skelen koene noch mei it fjûr noch mei it swird bisljuchte wirde. Hwerom earbiediget men inoars oertsjûging yn de hillige dingen net? Hwerom stiet men net as boargers fen ien lân nêst inoar tsjin de frjemd?

Donia :

De pausliken praetten sa net do't hja de macht yet yn han-

nen hiene. Do lôge de brânsteapel, do helle men mei jubel it frjemde kriichsfolk yn.

Gerryt Japiks:

Dy wirden foegje net foar my en myn Roomske lânsljue oer, Donia. Wy Fryske geastliken binne jimmer opkommen tsjin de ynkwisysje en ha yn it forset tsjin it Spaenske biwâld yn de foarste rige stien. Wy ha goed Roomsk west, mar ek goed Frysk, net minder as ien fen jimme.

Cammingha :

Ik bin it iens mei de abbet. Mar in great part fen it kwea leit ek hjiryn det der yn Fryslân gjin fêst biwâld is. Yn wêzen is de macht by de Steaten. Mar de Steaten binne fordield. En der is neat det boppe de Steaten stiet. Hwent de steedhâlder is der oer as er it net iens is mei de Steaten, en hy stiet ûnder hjar as er det al is. Der moat in sterker machtsformidden yn Fryslân komme.

Edinga :

Mar earst is ien oar ding nedich: Fryslân moat út himsels wer ta macht komme *wolle.*

Donia :

Den mei der wol in wûnder barre; it getsier en gekreau nimt ommers gjin ein.

Roarda :

Det wûnder kin barre, en as wy ús striid goed stride lyk as de tiid it wiist, den scil it barre.

Botnia :

Hokfor wei riede jo?

Roarda :

Allegearre ha wy bytiden forbûke west oer de steat fen ús folk. Allegearre ha wy by ússels frege: as de Fryske frijdom for ús mear is as in wird, ho komt it den det Friezen hjar forneatige hawwe en yet jimmer bidriigje? Allegearre ha wy tocht, as de wil suver wier, moast de útkomst goed wêze. Wy forgeaten tofolle ien ding: op de minsklike wil komt it net aldermeast oan. It lot fen de folken is ôfhinklik fen de wil Gods.

Botnia :

Tige wier. Mar dy bliuwt ús forhoalen.

Roarda :

Net hielendal. De wil Gods sprekt yn de skiednis fen de folken, yn it greate gean fen de tiden. As dy tiden tsjinnich binne oan hwet wy wolle, den kinne en moatte wy ús trou yn dieden biwize, mar de oerwinning is uzes net. It Fryslân fen de Skieringers en de Fetkeapers wier in lyts diel fen in greate wrâld dêr't oare, nije foarmen yn berne waerden. For it *âlde* Fryslân wier dêr gjin plak mear yn. Der wier in twaspjalt kommen twisken it Fryske wêzen en de wil Gods. Dêrom moast det Fryslân ûndergean. En sa kinne wy mar ta nije ienheit komme op ien wize: trochdet in greate idé, fen de skepper fen himel en ierde yn de tiid lein, it folk ta in ienheit foarmet. Dy idé is ta wêzen kommen yn de tiid dêr't wy nou yn libje. It Kalvinisme scil Fryslân rêdde.

Gerryt Japiks:

Us rêdde, wylst it as in swird dit earme folk yn twaën spjalt?

Roarda :

Ik wier yn Genève, by Kalvyn en Beza. Dêr hearde ik wirden dy't myn jonge siele dronk as de wachtsjende ierde de rein, wirden dy't hope yn my oprôpen, ek for it lân det ik sa ljeave. Det wierne yette wirden. Do bin ik yn Hollân kommen; dêr haw ik dy wirden kommen sjoen ta wierheit. In nije wrâld wirdt wekker út dizze bitizing, en hwa't for dy nije wrâld striidt, scil tagelyk syn heitelân bifrije.

Donia :

Ik sjuch net ho't dy nije learstikken ús hjir helpe kinne.

Roarda :

De eare Gods: dêrta ropt it Kalvinisme alles hwet wêzen hat, ek it folk. Dêrta wekket it it djipste libben. It bliuwt net stean by de steat, it siket de grounen. It scil de folken wekker roppe út hjar sliep, det hja libje neffens hjar wêzen en God

forhearlikje. Sa hearde ik do al it wird út Genève; en sjuch nou, sjuch hwet dêr groeit yn Hollân! Unwis liket yet de útslach fen de striid; Filips is in great en machtich hearsker, en de macht fen Oranje en syn trouwe stêdden is lyts. Mar yn myn hert haw ik folsleine wissichheit. Der groeit in nije wrâld yn Hollân, dêr libbet en striidt in folk det himsels is. Det scil it Kalvinisme dwaen ek for ús. Oranje hat it nommel miend mei de Pasifikaesje, mar in forsin wier it likegoed. Oan it Kalvinisme, oan it Kalvinisme allinne, is de takomst.

Gerryt Japiks:

Om my *det* to sizzen, Roarda, is it det jo my hjir bean hawwe?

Roarda :

As in Fries tsjin in Fries, earwearde. Hwet my dúdlik wirden is, koe ek jo de eagen iepenje.

Gerryt Japiks:

(Oerein.) En jo forsteane net ho't jo my dêrmei op it sear komme, as jo tinke det de trou oan myn leauwe my net hillich is foar alles? Roarda, Roarda, ik ha jo kend fen feint ôf oan, en ik tocht, de man scoe wiisheit woun hawwe, mar hy is yn neat de feint ûnlyk wirden. Altyd ha jo tocht det de wierheit dy't jo forskynde, ek wier wêze moast for oaren; det oaren dy ôfwize koene út hjàr wierheit, nea ha jo det forstean kinnen. Ik scil hjir gjin tsjûgenis jaen fen myn leauwe dêr't ik yn hoopje to stjerren; noch fen myn tsjerke dy't my roppen hat ta hege forantwirdlikens; oars scoe ik jo kindigje kinne in oare wil Gods, net boun oan de riten fen in tiid, ien dy't hjarsels allyk bliuwt yn de himel en op ierde, dy't ek dit ûngelokkige folk yet rêdde koe as hja suver biachte waerd. De tiid is der net mear nei det wy ús tsjûgenis iepen jaen kinne, faeks scil it mei gauwens nacht for ús wêze; mar yn dy nacht scil in ivich ljocht for ús bliuwe dêr't wy by glimkje om jim twirjende wiisheit. En hwet oanbilanget de saek dy't uzes mienskiplik wier, ek dêryn ûntbine jo de ienheit ynsté fen dy to stiftsjen. Sykje jo, ynsté fen mei de Roomske Friezen, it boun mei de Kalvinisten yn Hollân. Forneatigje de Pasifikaesje,

iverje for dy flokbere ienheit fen it ûnleauwe, de Uny fen Utert. De stoarm út dy wyn, jo scille se sels rispje. Roomsk Fryslân folget jo net.

Donia :

It forlies is net great as men sjucht hwet der fen Roomsk Fryslân oerbleaun is.

Gerryt Japiks:

Miskien forstiet Roarda dit, det as der ek net oars fen oerbleaun wier as dy't hjir foar him stiet, it forlies dêrom like goed bliuwt.

Roarda :

(Ek oerein.) Ik wit it, en tige. Mar oan de wei dy't ik gean moat, kin it neat foroarje. It folk forstiet gjin twivel, it forstiet gjin pasifikaesje. Mar de Uny scil it forstean. En op dy grounslach scille wy Fryslân fennijs Fryslân meitsje.

Gerryt Japiks:

It iennichste hwet jim dwaen scille, scil wêze nije hearen yn it plak fen de âlde sette. En to let scille jim forstean hwet jim tobritsen hawwe. Jim moatte fierder plachtsje sûnder my. Om myn wirden scille jim tinke. *(Hy giet.)*

Botnia :

Wy ha him forlern, en mei him Roomsk Fryslân. En it is net wier hwet jo seine, Donia. In great tal, faeks de helte fen ús lânsljue stiet yet oan de kant fen de âlde tsjerke.

Roarda :

Mar hja scille gjin krêft ha ta wearstân. Sadré't de tastân klear wirdt, scil hjar oanhing rane as snie for de sinne. Ek my moeit dit gean, mar wy moatte fierder.

Cammingha :

Jo binne fen bitinken det wy de Uny teikenje moatte?

Roarda :

Sûnder hokfor twivel. It Kalvinisme yn de lege lânnen kin allinne as ienheit de oerwinning bifjuchtsje. Wy kinne net op ússels stean.

Cammingha :

Eangje jo fen de kant fen de Uny gjin neden for de Fryske frijdom?

Roarda :

Mei Gods stipe en de krêft fen it Kalvinistysk bigjinsel, alderminst. De Uny lit ús in like greate frijdom as wy ûnder de Eastenrikers hawn hawwe. En yn dizze striid scil ús folk wekker wirde ta syn wêzen. Wy scille gjin oare macht oer Fryslân hearskje litte as dy't wy sels erkenne.

Cammingha :

Hwet bart der as op hokfor dei de wil fen ús Steaten tsjin de wil fen de Uny yngean scoe?

Roarda :

De Uny bistiet allinne salang as der ienheit twisken dy twa is. Det stiet nearne biskreaun, mar det sprekt fensels.

Cammingha :

De wirden fen de Uny gean my op mennich plak to fier. Hwa't frij wêze wol, moat syn frijdom ek waerboarge hawwe.

Roarda :

Op dit pas is de Uny lyk as dy foar ús leit, nedich ta de striid. En forjit net det it libben fierder giet en him fen pompier net bine lit. For my is de tastân klear. Foar alles moat it Spaenske jok ôfskodde. Earst dêrnei kinne wy oarder op ús eigen saken stelle. De Uny moat teikene, mar der moat mear barre. Binne wy feilich ûnder de tsjintwirdige stân fen saken?

Donia :

Neam de dingen mar by de namme. As Rennenberg gjin forrieder is, scil er it wirde. Op in goede moarn scille wy wekker wirde en Spanjoalen oer hiel Fryslân fine.

Botnia :

De kar fen Rennenberg hat fen 'e miet ôf oan forkeard west. Syn hiele famylje is Roomsk bleaun, en it bloed krûpt dêr't it

net gean kin. Hy hat mei de wolven yn 'e bosk meibile, salang't it like det it by byljen bleau. Mar as it biten wirdt, scil er omteare.

Donia :

Nammersto mear om't syn sister him ûnthjitten hat det de grevinne fen Megen mei him boaskje wol as er Roomsk wirdt. En det froumins is him mear wird, as hiele herfoarme Fryslân, det wik ik jim. De fint is de kûgel dy't er hoopje ik krije scil, net wirch. Sa kin men forret wirde fen in pear lokjende frouljues-eagen.

Edinga :

Soks hat wol faker in greate útwirking hawn, Donia.

Donia :

By sûlen dy't hjar forstân derby forspylje den grif. Binne der faeks gjin frouljue genôch? Moat men yen dêr nou fen fortokje litte?

Edinga :

Men makket sims forskeel twisken de ien en de oar, tink ik.

Roarda :

De saek is dizze. Oan de trou fen de greve fen Rennenberg oan de saek fen de Herfoarming, wirdt slim twivele. Biwizen tsjin him ha wy net. Him ta forantwirding roppe en forkleije, kinne wy dos net. Mar wy moatte it sa oanlizze, det ek as de steedhâlder forkeard wol, hy de macht der net ta hat.

Botnia :

Sûnder in noedlike striid scil det net gean. Is it net better en bitrou op it folk det oan ús kant stiet?

Roarda :

Dêr't de oerheit is, heart de macht to wêzen. En oan ien bigjinsel moatte wy fêsthâlde, nou en yn alle tiid. De oerheit yn Fryslân, det binne de sels-keazen Steaten. Jim sjugge forheard, jim tinke oan de souvereiniteit fen de kening. Mar for ien dy't fen Kalvyn leard hat, sprekt it fensels det dy souve-

reiniteit as de kening de heechste bilangen fen it folk fortrapet, de grounslaggen forliest. Dêrby, de skynsouvereiniteit fen Filips scil nou gauwernôch in ein oan komme. Den mei der gjin oare oerheit oerbliuwe as dy fen ús Steaten.

Cammingha :

En de oerheit yn de Uny dy't wy nou teikenje scille?

Roarda :

Ynsafier ús Steaten dêryn biwilligje, en gjin tomme fierder. En der moat soarge wirde det der net allinne oan it rjucht, mar ek oan de macht fen de Steaten net twivele wirde kin. Rjucht sûnder macht jildt wol by God, mar de wrâld laket derom. Ien ding as ik nei Hollân weromgean, moat hjir yn oarder wêze. De bisettingen fen Rennenberg moatte foart, út alle blokhuzen yn Fryslân. Hja moatte forfongen wirde fen bisettingen fen de Steaten. Yn de striid dy't ús wachtet, moat altyd for det punt it earst soarge wirde. Yn Fryske stêdden, nou en nea, gjin kriichsfolk dêr't ús Steaten net oer to sizzen hawwe.

Donia :

Nou sprekke jo tael dêr't ik by kin. Ik haetsje dy frjemde ynkringers as de pest. Hja lizze ús de earm frjeonlik om 'e hals, om ús to smoaren. Ho krije wy de smjunten der út?

Roarda :

Twa middels: twang en forsiik. Ik ha forbining yn Ljouwert en Harns. De âlde Adze Lammerts hjirre scil op syn stik stean en syn folk is op syn hân. Ek yn Harns kin men it blokhûs oermasterje. Dêrnei moat der in forsiikskrift nei Rennenberg det er de bisettings dy't den for in diel al foartreage binne, weromlûkt. Yn syn wifkjen twisken twa wrâlden en syn forljeafdens scil er net mei kriichsfolk delsetten komme. Docht er it, den wirdt it striid op libben en dea. Mar hy scil wol yn Grins twiveljen en dreamen bliuwe, en ús sin dwaen. Wy moatte hjir net langer oer prate. De frjemden moatte út 'e blokhuzen, ho den ek. Jim geane hjiryn mei?

Edinga :

Ja, hielendal.

Botnia :

For myn part, ik ek.

Donia :

Ik hie ljeaver: fjuchtsje en gjin forsiikskrift. Mar ik scil my foegje.

Cammingha :

Ik kin hjiryn meigean. Mar ik leau net det op in dûr it heechste biwâld by de Steaten bliuwe kin.

Roarda :

Oer dizze foarste stap binne wy den alteast ienriedich. In goede dei scil it for dy wêze, Fryslân, as gjin oare as Fryske macht yn dyn blokhuzen sit. Hearen, wy kinne nou gean. *(Hja geane oerein; Edinga hâldt Roarda effen tobek.)*

Edinga :

In inkeld wird, hear Roarda. *(De oaren binne gien.)*

Roarda :

Ja, jonge frjeon?

Edinga :

Hofolle, hear Roarda, hawwe ta jins útstel ja sein?

Roarda :

Fjouwer.

Edinga :

Hofolle fen dy fjouwer kinne jo op oan?

Roarda :

Op ien.

Edinga :

En det is?

Roarda :

(Him de hân jaende.) Sounens, Edinga. *(Hy giet.)*

Edinga :

(Yn tinzen efter.) Ja, sa... den wit men hwer't men for libje en as it moat... for stjerre moat.

FYFTE TOANIEL.

Opkomt Saep.

Saep :

Nim net kwea, hear. Ik tocht, de hearen wierne allegearre gien. Mei ik jo ris hwet freegje? — Is it wier det hege hearen as jimme, de rekkens by ús soarte ljue nea bitelje, lyk as baes Jelle seit?

Edinga :

(Opskriljend.) Baes Jelle is in liichbist. In ealman komt àlle forplichtingen nei. Jowt ek wol ris hwet mear as er skildich is. *(Triuwt hjar hwet ta.)* Dêr. Mar in wier ealman wit ek det der dingen binne dy't men nèt mei jild bitelje kin. *(Giet.)*

Saep :

(Him neisjende, dwaende mei hjar skerlk.) Hwet in aerdige, gnappe jonge is det.

— Doek. —

TWADDE TAFRIEL.

Ljouwert; de wirkkeamer fen de greve Willem Loadewyk. Oan de tafel de greve; foar him oer syn geheimskriuwer van Reid.

Van Reid :

Fierders scil jins Heechheit komme moatte ta it fêststellen fen hjar hâlding hwet oanbilanget it skeel twisken de lânskippen fen Eastergoa en Westergoa, mei de stêdden.

Willem Loadewyk :

Ik woe det hja my mei det soarte fen wirksumheden fen de lea bleauwen. Hwerom tsiere de Friezen altyd sa? Ik bigryp det net yn de minsken. Tinke hja det hja sa de fijân forslaen kinne?

Van Reid :

Den is der forslach ynkommen oer de tastân to fjilde, fen oerste van der Cornput.

Willem Loadewyk :

In forslach . . . det is goed for Deputearre Steaten. Dy hearen formeitsje hjar selsum mei paperassen fen fyftich bledkanten. Ik fal by de tredde stéfêst yn sliep. Nijs?

Van Reid :

De oerste stiet oan op yet tweintich kanûnen, ta bisjitting fen de stêdden fen de fijân.

Willem Loadewyk :

Van der Cornput is as kriichsman ûnbitelber. Mar hy moast mear hannelsgeast yn him ha. Hy moast sein ha: Sechstich. Den hied er mûglik tweintich fen de Steaten loskrige. Hja jowe út bigjinsel nea mear as in tredde fen it aldernedichste det oanfrege wirdt. — Ik doar wedzje, gjin Spanjoal hat him bûten de skânsen sjen litten?

Van Reid :

Der is gjin wird oer in treffen.

Willem Loadewyk :

Efter de brede grêften en de sterke mûrren scille se bliuwe, de leffe hounen, oant myn hege neef en ik se der mei Gods wil útreagje. Myn bloed siedt safaek ik tink oan de tocht fen Tassis, yn it twadde jier fen myn steedhâlderskip. For hjar moardzjen en plonderjen scille hja bitelje mei hjar lêste festing yn it Noard. Ik woe det Anne better wier en ik wer yn it fjild stie.

Van Reid :

Mar jins Heechheit wit fen de dokter det grevinne Anne . . .

Willem Loadewyk :

Stil, stil, van Reid. Ik wit hwet hja my sein hawwe. Miskien hoopje ik sels wol net ienris mear. Mar ik kin dit yet net bigripe. Ik haw altyd plichten kend, neat as plichten, en myn iennichst libbenslok wier dit.

Van Reid :

It is nedich det jins Heechheit as in moedich Kristen ek de hirdste wierheit ûnder eagen sjucht.

Willem Loadewyk :

As ik it bisykje, wirdt it tige swart for my. As it de wil Gods sa is, den bitsjut it de straf for myn sûnden. Myn greatste sûnde wier dy fen de ûnhearsumens. Ik naem it steedhâlderskip oer dit fordielde lân, tsjin myn heite wil. Ik boaske Anne, alhowol't hy der op tsjin wier. Ik wier wis fen myn ropping en myn ljeafde, laei dêryn den net de wil Gods? Ef haw ik, mei heit ûnhearsum to wêzen, ek God ûnhearsum west?

Van Reid :

Jins Heechheit forjit det de Alderheechste gjin rekkenskip jowt fen syn dieden en det syn bilied, for ús tsjuster, yn wierheit ûnfeilber is.

Willem Loadewyk :

Oan dy wierheit twivelje ik net, van Reid. Mar myn hert is

noch to jong. Yn ûnderfining faeks net, wol yn lok. Forjow my. Tsjin gjin oar scoe ik dit sizze. — Hwet is der mear?

Van Reid :

Lyk as jins Heechheit forsocht hat, scille de earweardige Balthasar Arnemius, dominy to Hantumhuzen, en de leden fen Deputearre Steaten, de hearen Roarda en Cammingha, hjir foartendalik wêze.

Willem Loadewyk :

Nou moat *ik* jo bikibje, van Reid. Binne jo twa jier yn dit lân, en witte yet net det Deputearre Steaten earst neamd wirde moatte, altyd en oerâl, foar jo, en my, en ds. Arnemius? Det druiden hja my al yn sadré't ik yn Harns foet oan wâl sette. Sizze wy dos : de hearen Roarda en Cammingha, ef Cammingha en Roarda — hwet in skeel scoe dêr wer út forrize kinne! — en dêrnei ds. Arnemius. Den folget yn rang: de steedhâlder, iksels; en dêrnei jo.

Van Reid :

Safolle haw ik hjir yn elts gefal leard, Heechheit, det ik my lokkich achtsje net oan de top fen dizze Fryske pyramide to stean. *(Frouwe Machteld komt op.)*

TWADDE TOANIEL.

Frouwe Machteld :

As it foech jowt, Heechheit . . .

Willem Loadewyk :

Frouwe Machteld! grevinne Anne . . .

Frouwe Machteld :

De dokter forsocht my jo to sizzen det de koartse ôfnommen is en det de grevinne sliept; hy scil jo warskôgje litte as hja wekker wirdt.

Willem Loadewyk :

Tank, frouwe Machteld. *(Hja giet.)*

Van Reid :

Hjir komme de ûntbeane hearen, Heechheit.

Willem Loadewyk :

(Nei efkes stiltme.) Lit hjar yn.

(Ynkomme Karel Roarda, Cammingha, ds. Arnemius; tagelyk giet van Reid.)

TREDDE TOANIEL.

Willem Loadewyk :

Wês tige wolkom, eale hearen Deputearren. De saek dy't ús gearbringt, is jim bikend. Gean sitten. Ds. Arnemius, ek Jo wolkom. De sit dêrre is for Jo ornearre. It moeit my det it nedich wier Jo út it fiere Hantumhuzen to bieden.

Ds. Arnemius :

Yndied in biswierlike reis, Heechheit, tige biswierlik. En ik wol jo net forhoalen hâlde det ik net sûnder greate tsjinsin nei Ljouwert reizge bin. Foarst is it in fiere ôfstân, en mei dit minne waer kin men maklik hwet skypje det de gemeinte it wiken lang stelle moat sûnder de harderlike lieding. Oard, haw ik oer de foarm fen de oprop, ik mei wol sizze djip forûntweardige west. Ik haw gjin forsiik krige, Heechheit, ik bin siteard, ik haw it bifel krige om hjir yn Ljouwert to forskinen. Men hat my taspritsen lyk as men rebelske ealljue en omrinders tasprekt. Noch de frijdom fen myn ampt, noch myn oansjen to Hantumhuzen is foldwaende earbiedige. Men is my slim op it sear kommen.

Cammingha :

Mei alle earbiedenis for jou ampt en jou oansjen, ds. Arnemius, scoe ik jo riede in toantsje leger to sjongen. Jo binne hjir net roppen by bifel fen de steedhâlder, mar yn namme fen Deputearre Steaten fen Fryslân. Ik hoopje det jo dêryn alteast in macht sjen scille dy't jouwes, ho great dy ek is, to boppe giet.

Ds. Arnemius :

De ynstelde machten, hear Cammingha, earbiedigje ik op

foechsume wize, ûndersteld altiten, det hja ek my as ynstelde macht earbiedigje. Mei ik den freegje, hokfor rjucht men achtet hawn to hawwen my to ûntbieden?

Cammingha :

Jo binne hjir roppen om forantwirding to dwaen for in frijpostigens dêr't syn heechheit great oanstjit oan nommen hat, en dy't ek wy, Deputearre Steaten, ûnmûglik oersljuchtsje kinne, al fine wy ien en oar det jou dwaen forklearje kin. Wy achtsje nou goed det syn heechheit fierders dizze saek mei jo bisljuchtsje scil. Wy sels hoopje neffens bifinen, mar ek neffens rjucht to hanneljen.

Willem Loadewyk :

Ik tankje de hearen Deputearren. De saek tsjin jo, ds. Arnemius, dy't ik yndied tige earnstich nim, is dizze. Op de 9e Febrewaris fen dit jier hat de classis Dokkum, binammen op jou oanstean, bisletten it heechste biwâld oer Fryslân oan to bieden oan keninginne Elizabeth fen Ingelân. Do't wy hichte krige hiene fen dit ûnbiskamsume yngripen yn de steatkindige lieding, en fornamen det de classis Ljouwert iepentlik for dy opdracht bigoun to iverjen, ha wy op it dúdlikst ús slimme ûntofredenens útspritsen en de tsjerklike hearen forsocht hjar by de tsjerklike dingen to hâlden. De geastlike foargongers ha bisocht hjar dwaen to fordigenjen, op in wize dy't ús yn gjin inkeld stik foldie. Nou moatte wy hearre det der in nij rekwest ta itselde oan hjar majesteit opsteld is; det jo yn persoan nei Utert tein binne, om it dêr hjar seinboade, Lord Buckenhurst, oer to langjen; en det dizze by ús neef, prins Maurits, neifrage dien hat eft de stân fen saken yn Fryslân den sa troch alles hinne hopeleas is. Ik moat jo nou dúdlik meitsje det Deputearre Steaten dizze útskroevenheden, dy't ik achtsje scoe útfynsels fen in bitiisd brein to wêzen as hja net fen in dominy kamen, op gjin inkelde wize langer dildzje scille; det jo en jou amptsbroerren jim fierders yn jim preekjen to ûnthâlden hawwe scille fen alles hwet it lânsbiwâld ûnderminet; en det elts dy't him net hjiroan hâldt, sûnder fierdere oanmoanning út syn ampt ûntset wirde scil.

Ds. Arnemius :

Is it de winsk fen de Deputearre Steaten fen Fryslân det ik anderje scil op dizze wirden, dy't biwize det syn heechheit mear wend is him to rjuchtsjen tsjin rou kriichsfolk as tsjin foargongers yn de wiere leare?

Roarda :

Dizze frage is ûnnedich en hoecht gjin andert. En as jo faeks de jonkheit fen syn heechheit lytsachtsje, hoopje ik det jo hearre scille nei my as âldere, as ik jo siz det ûnbiskamsumheden jou saek minder meitsje.

Ds. Arnemius :

Yn de hannen fen heidens bin ik fallen. Hjir fetsje ik heidens den op yn de bitsjutting fen Kristenen dy't hjar geastike foargongens net achtsje. Eale hearen, ik stean forsteld det in stap, allinne ûndernommen ta eare fen de tsjerke en ta bêst fen it lân, op dizze wize útlein en my oanrekkene wirdt. Elts ken de drôve tastân fen de lege lannen, ús folslein tokoart oan warkrêft en lieding tsjin dy wirktugen fen de Antikrist, de Spanjoalen, dy slimme en freeslike bidriging fen de tsjerke. Nimmen kin feilich wenje op syn pastorije noch arbeidzje yn de wyngearde, as de ysbaerlike wolven moarn-de-dei losbrekke kinne en yn divelske oermoed, alles forneatigje. Dêrfendinne hat men ek de heare fen Leicester yn it lân roppen, det er in bolwirk opsmite scil tsjin de oanstoarmjende floeden. De goed bidoelde mar forkearde steatkinde fen jins omke, de prins fen Oranje, hat de stipe fen in Frânskman ynroppen, fen in Roomsken-ien, fen in wier Belials-wirktúch. Ho hearlik strielet dêrnêst de herfoarme oertsjûging, de wûndere tawijing oan it wiere leauwen, de frommens en de Kristlike libbenswannel fen de hege keninginne fen Ingelân! In Debora, ja in Judith . . .

Willem Loadewyk :

Jou selsume forearing for hjar majesteit, ds. Arnemius, is ús al bikend út jou rekwest. Jo brûke dêryn krekt deselde wirden. Ek dêr forlykje jo hjar by de heltinnen fen it Alde Teste-

mint ; en hjar heit, syn majesteit Hindrik VIII, by kening Hiskia. Ik diel mei jo de earbiedenis for it Ingelske foarstehûs, en hjar majesteit keninginne Elizabeth, ho sunich hja foar ús oer ek is, is sûnder mis in great biwâldster. Mar faeks witte jo ek det der mar trije dingen binne dêr't hja wier bilang by hat: de greatens fen hjar ryk, de gloarje fen hjar namme, en de gnappe ofsiers fen hjar garde. In Debora stelt men yen oars foar.

Ds. Arnemius :

Jins Heechheit fettet as tinken hwet allinne as styl bidoeld wier. Ek jins Heechheit wirdt wol in biskermer fen it wiere leauwen neamd. Mar it mei de forantwirdlike harders fen de tsjerke net kwea-ôf nommen wirde, as hja it swird det jins Heechheit fiert, to licht achtsje ta wiere fordigening, en in sterker skutte bigeare. Jins Heechheit hat ús net biwarre for Tassis forline jier . . .

Willem Loadewyk :

Ik ha myn bloed forgetten for de saek fen de Herfoarming en de frijdom fen it lân — det mear is as ien fen jim praters en stokelers dien hat!

Cammingha :

Lit jo net forliede ta grime, Heechheit. Hwet ds. Arnemius seit, is wis net it bitinken fen de Steaten. Yndied achtsje wy jins trou, en dy fen alle Oranjes, heech boppe de stipe fen de wiffe steatkinde dy't men yn Londen fiert.

Roarda :

Dit is nou net oan de oarder. De saek is dizze: Deputearre Steaten dildzje net langer tsjerklike ynminging yn de steatkinde, al scoe hja foartkomme út de suverste grounen. As syn heechheit foartfarre wol . . .

Willem Loadewyk :

Wol my ûntskildigje. Ik winskje net de skyn det ik fierders sprek út it fielen fen misledige to wêzen.

Roarda :

Den, ds. Arnemius, wolle jo dizze trije dingen wol tige achtslaen. Foarst: jo iverje derfor det de sinoade bislút Lord Buckenhurst to birjuchtsjen det hja dit ûnsillige dokumint weromnimt. Twad: gearkomsten fen de sinoade fen Fryslân scille tonei bywenne wirde fen twa leden fen Deputearre Steaten; forset dêrtsjin scil net dilde wirde. Tred: wy scille rapport freegje oer jou fierdere predikaesje, en in wird tsjin it lânsbistjûr bitsjut jou ôfsetting.

Ds. Arnemius :

Ik protestearje . . .

Cammingha :

Jo scille ús forplichtsje mei net fierders to protestearjen, mei nou to gean, en mei strang yn de geast fen de jo meidielde ynstruksjes to hanneljen. Wy winskje jo allegearre in goede reis nei Hantumhuzen. *(Ds. Arnemius giet.)*

Roarda :

Nei oanlieding fen de saek fen de greve fen Leicester, wolle Deputearre Steaten jerne yette twa dingen by jins heechheit op it aljemint bringe.

Willem Loadewyk :

Ik bin ta tsjinst fen de hearen Steaten. Mar oer ien ding scoe ik my ljeafst earst sels útsprekke. Ik hear de lêste moannen gauris wirden dy't der op lykje to tsjutten det ik bûten de Deputearre Steaten stean. Ik hoopje, men forjit net hielendal det ik hjar foarsitter bin.

Cammingha :

Dit is yndied ien fen de titels fen jins Heechheit.

Willem Loadewyk :

Mient de eale Cammingha det men foarhawn hat my de titel to jaen sûnder it dêroan forboune rjucht?

Cammingha :

Ik mien det jins Heechheit oerbilestige is mei folle wirk-

sumheden fen fiergeande forantwirdlikens, en det it hjar dêrom net oars as noflik wêze kin as de Deputearren yn de hjar tabitroude bilangen selsstannich foartfarre.

Willem Loadewyk :

Lit dit den dúdlik wêze, hearen, det it net earder tiid is to praten oer dy oerbilesting ear't de steedhâlder der sels net oer klaget, ef ear't men him mei rjucht forkleije kin yn forsom to wêzen. Myn foarsitterskip fen Deputearre Steaten forstean ik dos tonei as in wezentlike bitsjinning. Ik scil jerne de fierdere oardielen fen myn meisteaten oer de saek fen de greve fen Leicester fornimme.

Roarda :

Foarst dit, wy achtsje de stelling fen de greve fen Leicester, dy't ynhelle is mei safolle gejûch mar yn alle ding syn ûnkinde en ûnwissens biwiisd hat, noedlik for de djûre frijdom fen Fryslân.

Willem Loadewyk :

Fen de hiele Uny. Ek by my bistiet der gjin twivel det de greatste hoedenens foar him oer nedich is. Wy binne lykwols boun troch fordrach mei Hjar Majesteit, en kinne gjin skelen noedzje ûnder de foarstriders fen de Herfoarming.

Roarda :

Us oertsjûging is det der twa dingen dien wirde moatte. Ien dêrfen ha wy achte al yn útfiering gean litte to moatten. Dr. Aysma, de eardere presidint fen it Hof fen Fryslân . . .

Willem Loadewyk :

De *eardere* presidint?

Roarda :

Deputearre Steaten wierne ienriedich fen bitinken det hy, dy't rounom bikend stiet as in oanhinger fen Leicester, net langer oan it haed stean koe fen it rjucht yn Fryslân. Op groun dêrfen is er yn syn hûs yn arrest steld en út syn ampt ûntslein.

Cammingha :

Foarbihâlden de goedkarring fen jins Heechheit.

Willem Loadewyk :

Dit, eale hearen, is de lêste kear. Wier ik kend yn dizze saek, ik scoe se ôfret hawwe. De oanhing fen de greve fen Leicester is yet sterk, dieden as dizze kinne oanlieding jaen ta de slimste ynlânske reboelje. It bislút hjirta scil ik dos net teikenje. Fierders scil ik, as ea soks wer bûten my om bart, in birop ynstelle by de Steaten fen Fryslân en by de Uny.

Roarda :

In birop by de Uny scoe hjirby gjin útwirking ha.

Willem Loadewyk :

Jo forsinne jo, it scoe de trochslach jaen. Mei ik fornimme hwet Deputearre Steaten yet mear gaedlik achtsje?

Roarda :

Hja binne ienriedich fen bitinken det de Ingelske ûntfangergenerael ûntslein wirde moat, det de eardere ûntfanger, hear Julius Aylva, wer oansteld wirde moat yn syn plak en det de opbringst fen ús lân net mear komme mei yn hannen fen de greve fen Leicester.

Willem Loadewyk :

Op hjar dúdlike winsken scil ik in dúdlik andert jaen. Myn meiwirking moatte hja net forwachtsje. Mei Gods help scil de Uny ta de frijdom komme ek sûnder Leicester; de stipe fen de keninginne fen Ingelân is mar lyts; mar in skeel út to lokjen det hja yn hjar greate heechhertigens nea forjitte en forjaen scil, scoe ta blydskip for ús fijânnen en ûnbirekkenber leed fen ús folk fiere. Foar de tsjerke oer dy't Hjar Majesteit it biwâld opdrage woe, foar de Steaten oer dy't hjar ôfstjitte wolle, hâld ik my oan de twiskenwei dêr't ek myn neef, prins Maurits, him oan hâldt. Elts ôfwiken dêrfen . . .

(Opkomt frouwe Machteld.)

FJIRDE TOANIEL.

Frouwe Machteld :

Heechheit . . . de grevinne is wekker wirden en freget nei Jo. De dokter winsket det jo dalik komme.

Willem Loadewyk :

Untskildigje my. *(Of mei frouwe Machteld.)*

Cammingha :

Men seit det der gjin hope mear for hjar is.

Roarda :

As hja stjert, det de Himel forhoedzje mei... as hy oerbliuwt mei neat as hwet er syn ropping neamt... den scil hy de noedlikste man yn hiel Fryslân wêze.

— Doek. —

TREDDE TAFRIEL.

Keamer yn it weardshûs, lyk as yn it foarste tafriel. Joun; Saep dwaende, Oege, hjar man, komt op.

Oege :

Der slacht de divel yn! Altyd astû witste det dy monarken op kommende wei binne, bistû hjir oan it omskaven! Men kin troch it hiele hûs rinne to razen fen Saep, Saep, mar dû bist nearne to finen as hjirre.

Saep :

Ien fen ús scil dochs wol oarder op saken stelle moatte, net?

Oege :

In moaije oarder as it fen dy komme moat! Yn 'e jachtweide setstû in troanje eft alles hjir dy fierstento min is. Dêr driuwste de ljue it hûs út mei dyn forflokte ynfierenens en stymskens. Wês dêr mar ris hwet oanfalliger.

Saep :

Nimmen hat oer myn stymskens klage salang as baes Jelle de nearing hjir dreau. Mar mei dy forroaide keardels, dy sûpers en smjunten dystû hjir oanhellest... Sjuchstû nou sels net Oege, det wy sa nei de kelder gean? Myn bytsje oerfortsjinne sinten hast der al lang troch. It skoarum det hjir langer de rin hat, bringt neat yn. Hwer bidarje wy as it sa trochgiet?

Oege :

Tochtstû detst my forrifelje scoest mei det geëamel? Siz op, hwerom is det skoarum to min for dy? Hwerom kin it allinne glimkjen lije for dy parmantsjers en swéslaggers? It bigjint my de kiel út to hingjen. Pas op detste my net tofiter hast!

Saep :

Bigjinst wer? Hat kreupele Goffe dy de holle wer oerémus

praet? Oege, Oege, detstû it ear nei sokke skarlunen hingje litst. Kinstû net ienris mear opkomme for de eare fen dyn wiif? Hwa moat hjir it spil yn de blâns hâlde, oars as ik?

Oege :

For dyn eare scil ik opkomme astû dy sels net lizze litst.

Saep :

Leffert dyste biste. Dyn skurvens ôfrosse op in oar, det is it iennichste det dy goed ôfgiet. Us Ljeaven Hear wit ho'n hel as ús boask wirden is troch dyn rinkelroaijen en dyn healwize jaloerskens. Mar ik kin de holle opstekke, ik ha mysels neat to forwiten.

Oege :

Hear nou ris oan, sa'n formoarde ûnnoazelens. Ja, dyn man kinstû det yet wysmeitsje. Mar dyn swiete jonker al lang net mear. Mar hy moat oppasse ef hy kriget syn lean thús!

Saep :

Rin hinne, fint. Dû bist my to min om yet in wird tsjin dy to sizzen. Lit my troch.

Oege :

Bliuwe scilst, siz ik dy. En oars . . .

Saep :

Ast de hannen oan my slachst, nim dy yn acht! Ik hoech de mûle mar iepen to dwaen! Ik hoech mar ien to sizzen ho'n krús ik hjir by dy ha, dei en nacht! En astû my de mûle sa iepen brekst, pas den op, pas op! Stean den noed for dyn eigen libben! Lit my troch, siz ik dy!

Oege :

(Tobekskriljend.) Forrek. Dêr scilstû for boetsje!

Edinga :

(Yet bûten.) Hwer scille jo sa hird hinne, Saep? Nou, den letter ris. Myn selskip komt der ek oan.

(Oege syn antlit forlûkt. Hy sjucht om him hinne. Fordwynt den efter in gerdyn.)

TWADDE TOANIEL.

Opkomme Edinga, Roarda, Donia, Cammingha.

Edinga :

Us kreaze weardinne liket langer neat net fleurich mear. Hja hat gjin lokkige kar dien. Alde baes Jelle makke it gâns better mei hjar.

Donia :

Det hat men altyd fen det ôftanke kriichsfolk. Hja bihanlje hjar frouljue minder as hjar hynders. Hawar, it is to hoopjen det wy ús measte gearkommen hjir hawn ha. Mei in bulte gepraet komme wy net fierder. De steedhâlder scoe gnyskje om ús petearen as er dêrfen wist. Mei sizzen is it net to dwaen.

Roarda :

Tige wier. Mar lit men my den folmachten jaen, det ik hannelje kin.

Cammingha :

Jo witte sels Roarda, det det ûnmûglik is. Yn dizze dingen is sawol de steat as ús libben de ynset. Dêrta alteast kin dit liede; scil it liede, as ik de tastân goed skôgje. Yn dy dingen kin men hannelje troch ienriedigens, men kin net in oar for yen bislute litte.

Roarda :

Gjin leger scoe striid fiere kinne op dy wize.

Cammingha :

In leger stiet ûnder bifel, lyk as nedich is. Ik haw der gjin witten fen det wy, frije Steaten fen Fryslân, ûnder immens bifel stean.

Donia :

Det kin de kening fen Spanje tsjûgje dy't wy foartreage hawwe do't er ús soks bybringe woe.

Roarda :

Salang't Fryslân net ré is ûnder ien lieding to hanneljen, kin it mûglik in kening foartreagje, mar it scil net keare det in oar syn plak fen nijs biset.

Cammingha :

Ik wol jou ynsjuch net yn kiif stelle, Roarda. Mar as dit yn wierheit jou bitinken is, den liket it my frjemd det jo der gjin finger for útstekke it plak dêr't nou syn heechheit stiet, bisette to litten fen in Fries.

Roarda :

Ik sjuch de Fries net dy't as steedhâlder oer Fryslân stean kin. Hwa sjugge jo?

Cammingha :

Op dy frage jowt it for my gjin foech to anderjen.

Donia :

Hy mient himsels. It giet him as Alexander. It Amelân is to lyts for him; hy moat Fryslân der by ha.

Cammingha :

Oer myn weardichheit gjin tûlkjen, Donia, as wy frjeonen bliuwe wille. Ik neamde mysels net en sykje myn eigen eare net. Mar myn adel is sa âld as dy fen de keningen fen Fryslân; nimmen fen ús hearsket oer in hearlikheit lyk as ik; en by de Cirksena's yn East-Fryslân dy't dêr greven binne, stiet myn hûs yn neat bynefter.

Roarda :

Dizze wei moatte wy net fierder ût. Jou adelike lieding, Cammingha, ûntstriid ik net. Hjir giet it lykwols oer eat oars, oer de lieding yn in folksstriid. As it nije herfoarme Fryslân wekker wirdt, lyk as wy it allegearre yn ús herten hoopje, den kinne oanspraken as jouwes net biachte wirde. Wy kinne net tinke om greeflike weardichheden, it giet om Fryslân. Earst as dit himsels foun hat yn de striid, kin der hannele wirde oer fierdere.

Donia :

Jierren en jierren ha jo ús det sein. Hwet binne wy fierder kommen? Wy wierne tichter by de Fryske frijdom do't wy Filips ôfswarden en do't Oranje yet fier wier.

Roarda :

Dit moat ik ûntstride. Sûnt de dei det wy bisleaten to striden for in frij reformearre Fryslân, dy kear do't de abbet fen Klearkamp him fen ús losmakke, binne wy fierder kommen ta ús wyt; ja wy ha der yet nea sa ticht oan ta west as nou. Do slagge it ús amper, by Rennenberg syn forrie, Fryslân frij to hâlden fen de Spanjoalen; yn in hiele rige fen festingen en skânsen leine hja om it heitelân gear, ús jimmerwer binearjend; yet nei de komst fen de greve, mei de freeslike tocht fen Tassis, bidrigen hja ús yn it hert. Nou is allinne Grins yette Spaensk; Stienwyk, Delfsyl, Koufirden binne Frysk; it Spaenske bivâld is gjin noedlike macht mear.

Donia :

En hwa hat de fruchten plôke fen det alles? Hwa oars as de greve fen Nassau?

Roarda :

Yn tsjinst fen de Steaten fen Fryslân, hat de greve fen Nassau in tige wirktúch west yn de bifrijing fen Spanje. Nou lykwols, steane wy yn de krieming fen de tiden. Nou moat der bisletten wirde hwa tonei yn Fryslân de wiere hearskers wêze scille: de fen it folk forkeazen Steaten, ef de man dy't oansteld is as hjar tsjinder en gjin macht hat dêrbûten. Tonei stiet it sa: der is mar ien bidriging mear for de frijdom fen Fryslân. Dy bidriging is de greve fen Nassau. Syn macht mei net allinne net mear útwreide wirde, hy moat tobekkrongen wirde, stap for stap. Hy moat yn Fryslân bliuwe yn folsleine ôfhinklikens fen de Steaten, ef hy moat ta Fryslân út.

Edinga :

Wiis ús de wei.

Roarda :

De wei dy't ik wiis is noedlik. Hja scil ús yn striid bringe mei de greve, hja kin ús yn striid bringe mei in great part fen ús eigen lânsljue.

Edinga :

De noedlikste wei is de bêste.

Donia :

De koartste.

Cammingha :

De forstannichste.

Roarda :

De steedhâlder hat op dit pas mar ien winsk: it biliz fennijs foar Grins to slaen. Det mei op gjin bitingst barre. As er it docht en hy nimt Grins, den waechst er ús forgoed boppe de holle.

Donia :

Mar men kin Grins dochs net Spaensk litte!

Roarda :

It twadde is: de steedhâlder wol de oarloch foartsette yn boun mei syn neef, de prins Maurits. Fryslân is feilich; wy ha by de fierdere oarloch gjin bilang. Men moat ûnderhanlingen oer de frede mei Spanje iepenje. Dy frede scil Grins wis yn ús macht bringe.

Cammingha :

Wy binne boun fen de Uny, dy't soks dúdlik forbiedt.

Roarda :

Wy binne boun fen neat as it heil fen Fryslân. Sels al scoene wy sûnde dwaen mei de Uny oan kant to setten, den is it better det wy dy sûnde drage as det wy de ûre for Fryslân foarby gean litte.

Donia :

In stik pompier scil myn gewisse net biswierje, det wol ik jo wol sizze.

Cammingha :

Ek net as jou namme as Frysk ealman der ûnder stiet?

Donia :

Ik tocht det jo njunkelytsen takocht wierne fen pompieren mei nammen dêrûnder. De frijhearen fen 't Amelân ha elts jier op it minst ien proses to fieren oer de frage eft sa'n namme echt is. *(Cammingha giet oerein.)*

Edinga :

Yn 'e goede, hearen, lit det geïggewear. Us ienheit is nou nediger as ea.

Roarda :

Yn de namme fen Fryslân freegje ik my fierders oan to hearren. *(Cammingha giet sitten).* De Uny is in steatkindich stik; steatkindige krêften bislute oer it foartbistean dêrfen. Op dit pas is der in kile yndreaun twisken Hollân en Fryslân: de greve moat sterk wêze as er dy der út lûkt. Ik mien de kwesje fen Hasselt. Prins Maurits en Hollân ha lêst jown, de Fryske bisetting scoe de stêd romje; ik ha bifel jown det hja bliuwt. De bisetting is bleaun; ik ken de kaptein; hy scil net fen syn post wike ef de prins moat him derút sjitte. Mar det bitsjut de brek mei Fryslân. De magistraten dy't ûnderweis wierne om prins Maurits de kaeijen oan to bieden, binne op myn oanstean werom gien. For it nije Fryslân is Hasselt ûnbitingstlik nedich; en de Steaten fiele, tajaen yn dizze kwesje is forrie fen it lân. Net ús oanhing allinne, allegearre scille ûnforsetlik wêze op det punt. Wol Hollân ús rjuchten op Hasselt net ynskikke den scil neat de Uny rêdde. Ik bin net yn twivel oer it birin det de dingen nimme. As de Steaten sterk stean, is de takomst uzes.

Donia :

De greve is de lêste dagen net yn de Steaten forskynd.

Cammingha :

De greve mei syn rêstbêd net forlitte, hy lijt tige oan de âlde woune yn syn foet.

Roarda :

Ik winskje him fen herten ta det er ringen soun wêze scil, en det er soun stean scil yn de gearkomste fen ús soune Fryske Steaten. Oan de striid scil noch hy noch wy ûntkomme.

Donia :

Siik ef soun, hy scil forstean det er ûs tsjinder is. *(Opkomt Botnia.)*

TREDDE TOANIEL.

Cammingha :

Einlings, Botnia. Jo hawwe it lang makke. Ik biwûnderje jou gedild; der kaem gjin ein oan it getsier twisken Wûnseradiel en Hinnaerderadiel. En det om in âld opfeart. Binne de Steaten nou hûs ta gien ef hielendal yn sliep fallen?

Botnia :

Noch it ien noch it oar, eale Cammingha. De Steaten binne hommels forgoed wekker skrille. En mei alle earbiedenis for de wichtigens fen jim bisprekken, hie it faeks al sa goed west as jim ek mar bleaun wierne for de bisljuchting fen it skeel oer de âld opfeart.

Roarda:

Hwet is der bard?

Botnia :

De steedhâlder is yn de Steaten forskynd.

Cammingha :

En hy kin gean noch stean op dit pas!

Botnia :

Hy hat him drage litten. En ik kin jimme sizze, der is nuver opsjoen. Fensels wierne der fen dy waermielrinders dy't dalik bigounen to klappen. De measten hâldden hjar stil. Allegearre forwachten hwet bûtenwenstichs; en det kaem. Dy eamelder fen in Idzinga hâldde mei gauwens op do't de greve forskynd wier; det wier alteast in goed ding. Dêrnei frege de greve it wird ta it dwaen fen in meidieling.

Cammingha :

Deputearre Steaten hiene him gjin inkelde opdracht jown.

Botnia :

Hy spriek as oerste fen it kriichsfolk fen de Steaten. „It scil de hege Steaten fen Fryslân goed dwaen to fornimmen," sei er, „det it ús slagge is mei prins Maurits ta in akkoart to kommen op it stik fen det slimme striidpunt, de bisetting fen Hasselt. Ienriedigens, wiere tawijing oan de mienskiplike saek fen it folk, oerwinne ek de noedlikste skelen. Det der op dit stik gjin wriuwing en ûnwil ûntstean scil, hawwe prins Maurits en wy in oplossing socht dy't oan de iene kant it skeel weinimt, oan de oare kant rekken hâldt mei de bilangen dêr't dizze hege Steaten sa treflik for opkomme. Wy binne dos to riede gien det it winsklik is de Fryske bisetting yn Hasselt to forfangen troch in Hollânske, en dêrfoaroer de Hollânske yn Starum fen in Fryske. Yn dizzen, lyk as jimmer, achtsje wy ús ryk mei jim meiwirking."

Donia :

Hasselt tsjin Starum, it heart net min.

Roarda:

Hwa hat biskie dien?

Botnia :

Nimmen. De measten liken lang net ûnfoldien; allegearre kaem it oer it mat. Hwet koe men der ek al folle tsjin ynlizze?

Roarda:

Dit, det it bilang fen Fryslân easke det de bisetting yn beide plakken Frysk wier.

Botnia :

Sa'n andert hat men net sa mar ré; det giet rjue fier. Der wier in toarn stiltme, net lang. Do naem de greve wer it wird. Hy sei, hy achte him om neat sa lokkich as om de ienheit fen bitinken twisken him en de Steaten. Alhowol't it oerstallich wier, woe hy der yetris by de Steaten op oanstean det hja foar alles hjar omtinken jaen scoenen oan de oarloch mei Spanje. Hy foun frij ús dy soarch nammerstomear op to dragen, om't

er sels for in toarn de haedstêd to forlitten hawwe scoe, ta it neikommen fen syn ropping en de bihertiging fen it steatsbilang. Do liet er him foartbringe. Alles wier yn minder as tsien minuten ôfroun. Hy wier net gien, ef de heibel yn de Steaten briek út.

Donia :

It neikommen fen syn ropping en de bihertiging fen it steatsbilang, hwet for divelstreek moat det nou wer bitsjutte?
(Yn 'e fierte heart men tromgeroffel en gejûchhei.)

Roarda:

Dit.

Donia :

De steedhâlder is net nei syn hûs ta gien? Men slacht in roffel, der komme hynders, hwer scil er hinne?

Roarda:

(Somber.) De steedhâlder tsjucht út ta it biliz fen Grins.

Donia :

Nije kâns op in kûgel. Hear det folk ris razen! *(It lawaei komt tichterby.)*

Botnia :

Ien ding haw ik opmirken, Roarda. De steedhâlder wint groun by it folk. It makket somliken yn de Steaten skriuten. Sa is yn lang net in steedhâlder troch de strjitten fen Ljouwert gien.

Roarda:

Dit is Ljouwert dêr't alles hwet Fryslân is, forhûddûke en fortrape wirdt, de stêd dêr't de skimen fen ús foarfaers mei forflokkingen yn rounware, de forriedster fen it heitelân, de forjowster fen it folk mei it fenyn fen de frjemdsin, yn skyn de macht, yn wierheit de skande fen Fryslân. Mar Fryslân, det binne de âlde dielen mei de hillige nammen, it lân mei syn geef en for it frjemde ûntagonklik folk, det is Eastergoa en Westergoa, dêr't de takomst yn rêst lyk as it sied yn de ikker. Lit Maurits yntsjen yn Hasselt, lit de steedhâlder optsjen nei

Grins, lit it forbline folk fen Ljouwert himsels ta skande meitsje: it lân bliuwt uzes, de Steaten bliuwe uzes, de frage fen oarloch en frede bliuwt uzes. De Nassauwer is en bliuwt in frjemd for Fryslân; men hat him hjir nedich hawn ta de fjuchterij allinne; dêrmei scil it út wêze. Lit ús al ús frjeonen by inoar roppe. De steedhâlder scil foar Grins in boadskip fen de Steaten hawwe det him net haegje scil.

Cammingha :

Sa maklik scil alles net gean, Roarda.

Donia :

As ik myn sin krige rôpen wy it folk fen it lân det ús trou is hjirre, en wy barnden de stins fen dy Poep en om myn part dizze hiele forflokte stêd lyk mei de groun!

Roarda:

Ik wit myn wei en ik rekkenje op jimme. Kom, frjeonen. *(It geroffel is weistoarn; de ealljue gean, op Edinga nei.)*

Edinga :

(Allinne.) Ik moat hjar dochs yet ienris sjen, for de lêste kear miskien ... *(Biweging efter it gerdyn, hy fornimt it, skoert it iepen ... en sjucht Oege.)* Ilindige forrieder, houn dyst biste ...

Oege :

Dea scilst, eare-skeinder, smjunt! *(Falt op him oan, Edinga lûkt syn swird en ûnderhellet it, Oege stroffelet en falt, gûlend):* Moart! *(Saep komt opfleanen.)*

FJIRDE TOANIEL.

Saep :

O jonker ... jonker ... né, jo moatte my net helpe ... sjuch det jo foartkomme ... dalik, dalik, ik wol it ... *(Edinga giet; hja knibbelet effen del by Oege, stout den nei it finster en skoert it iepen:)* Help, help, in dokter!

— Doek. —

FJIRDE TAFRIEL.

Tinte fen Willem Loadewyk foar Grins. De greve, Van Reid. De greve heal sittend yn in rêstbêd.

Willem Loadewyk :

Boadskip is stjûrd nei prins Maurits det myn folk ré is for de stoarmrin en det wy wachtsje oant hy as heechste lieder it teiken jowt. Der is in lyts heal ûre tiid. Ik haw my bitocht oer de birjuchten út Ljouwert. Ik winskje foar de striid yet de ealman Edinga to hearren en tynge fen de Steaten to fornimmen. Forsykje det men Edinga ynlit.

Van Reid :

Yn bitinken nommen de saek dêr't er fen forklage wirdt, is it net winsklik det det ûnderhâld bart yn bywêzen fen tsjûgen?

Willem Loadewyk :

Gjin ûnnedige soargen, van Reid. Ik ken dizze man fen earder, *hy* scil wiswier gjin dolk yn syn mantel forhoalen hâlde. Dêrby, as glûpske moart brûkt wirde scoe as wapen yn de striid, ho scoe ik my hoedzje kinne? Ik kin dochs net bigjinne mysels to bifeiligjen?

Van Reid :

Lyk as it jins Heechheit haget. *(Hy giet; dalik dêrnei forskynt Edinga.)*

TWADDE TOANIEL.

Willem Loadewyk :

Hear Edinga, ik hie winske jo hjir op oare wize to sjen. Jo binne jister harren brocht ûnder fortinking fen moart en fen gearswarring. Yn in tsierderij, ik wit net ho ûntstien, hawwe jo in weardsman to Ljouwert deadlik woune. Jo kinne op dit stik needwar pleitsje ef net; dizze saek giet my net oan. De

weardsman lykwols, is net dalik stoarn; hy hat foar twa leden fen de magistraet oer, yet in forklearring ôflizze kinnen. Op groun dêrfen binne jo finzen nommen, en wankt itselde for ytlike oaren. Jo binne biskildige fen dielnommen to hawwen oan in gearswarring tsjin de feiligens fen de steat en it libben fen de steedhâlder. Is dizze biskildiging wier? *(Edinga swijt.)*

Willem Loadewyk :

Bitink yet ien ding. Jo steane hjir net foar jou rjuchter oer, mar foar ien dy't ienris nêst jo stried. Ik seach jo de deis det wy de skâns fen Noardherne wounen. Jo wiernen yn de foarste rige. Neat fen hwet jo nou sizze, scil tsjin jo ef oaren brûkt wirde. Ik stean derfor boarch mei myn eare, lyk as ik forwachtsje det jo for de wierheit fen jou wirden ynstean mei jouwes. Wier der in gearswarring tsjin myn libben?

Edinga :

Elts fen ús scoe himsels forachte hawwe as er oan soks sels mar tocht hie.

Willem Loadewyk :

Yn de forklearring wirdt spritsen fen it ôfbarnen fen myn stins en fen de hiele stêd Ljouwert. Det heart tige Frysk.

Edinga :

Ien fen ús die sa'n útfal yn de hjitte hei; nimmen naem it earnstich, hysels ek iet.

Willem Loadewyk :

Grif deselde dy't my in Poep neamde. De hoflikens yn de omgongstael lit bytiden yn Fryslân tige to winskjen oer.

Edinga :

Jins Heechheit sels hat ienris yn grimmitigens útroppen, hja woe it bloed fen Roarda hawwe.

Willem Loadewyk :

It is yn Dútsklân yet minder. — Dizze dingen stride tsjin de goede seden; halsmisdieden lykwols binne it net. Ho kin de weardsman kommen wêze ta dizze skandlike oantiging?

Edinga :

De weardsman hat wierskynlik it grou hawn op ús allegearre, en op my fêst.

Willem Loadewyk :

Der moat wol in bysûndere oanlieding ta west hawwe. Der hat grif in froumînske twisken west. Dêr komme wol faker ûngelokken fen. Grins is ek in frouminske; mar wy scille hjar winne, sûnder ûngelokken. Mei *dizze* oanlieding haw ik lykwols neat to meitsjen. Hwerom swarre jim altyd gear tsjin de steat? Hwet is de sin dêrfen?

Edinga :

Wy swarden net gear en alderminst tsjin de steat; wy plachten allinne oer it heil en de frijdom fen Fryslân dy't ús djûr is boppe alles.

Willem Loadewyk :

Ik wol jo forklearje, hear Edinga, det it my as bûtensteander heislike swier falt det ûnderskie to meitsjen. Jim bigryp fen Fryske frijdom bringt mei my for in tiran to hâlden. Dizze bititeling fen my is wenst ûnder jimme Roardisten. Tirannen lykwols jaget men foart, ho den ek. Sa wolle jimme ek my foartjeije.

Edinga :

Wy wolle det de Steaten fen Fryslân erkend wirde scille as de wiere dragers fen it biwâld, en det de steedhâlder foar alles mei it bilang fen Fryslân rekkenje scil.

Willem Loadewyk :

Dizze saek is to earnstich om yn in healûre foar in stoarmoanrin to bihanljen. Ik bigryp dos det jim yn jim gearkomste oer dizze dingen praet hawwe, sûnder det jim it trochgean litte woene for in gearswarring. Hawar. — Men hat jo jou swird ôfnommen; hjir is it werom.

Edinga :

Heechheit . . .

Willem Loadewyk :

Ik achtsje jo net oantaest yn jou eare, en den hat nimmen it rjucht it jo mear to ûnthâlden. Dêrby, ik haw Noardherne net forgetten.

Edinga :

Ik scil it net mear for jo en jou saek fiere kinne, Heechheit.

Willem Loadewyk :

Dêr sizze jo in noedlik wird det ik net bêst forneare kin. Lykwols . . . Ien ding moatte jo bigripe. Jo kinne gean, yn frijdom. Ik scil dêrta de wei for jo iepenje. Tankber dêrfor hoege jo my net to wêzen; ik scoe it rjucht net jerne hjiroer gear sjen; it scoe folle krûm meitsje sûnder eat rjucht meitsje to kinnen. Mar as men jo wer sjucht binnen de lânpeallen fen Fryslân en men fettet jo, den scil dit rjucht syn gong gean *moatte,* mei alles hwet der for jo en jou frjeonen út foartkomme kin. Ik bin wis det jo my forstien hawwe. *(Slacht op in skille; van Reid forskynt.)* Dizze ealman, van Reid, kin ûnbihindere it kamp forlitte. Farwol, Edinga.

Edinga :

Farwol, Heechheit. *(Van Reid laet him út; de greve effen allinne.)*

Willem Loadewyk :

Ik scil it swird net mear for jo en jou saek fiere kinne . . . forflokte wirden. *(Van Reid komt wer op.)*

Willem Loadewyk :

Wol yn frjeonlike en hoflike wirden oan de magistraet to Ljouwert meidiele, van Reid, det de ealman Edinga út it kamp fen de steedhâlder fordwoun is, en det de steedhâlder, oerbilestige mei wirksumheden ensfh., gjin fierder omtinken oan dizze saek jaen kin, en dêrom bislute moatten hat, se rêste to litten. — De fierdere tynge út Ljouwert, van Reid.

Van Reid :

Foarst, det de Steaten de goedkarring fen jins Heechheit forsykje for it hâlden fen in iepenbier dispút twisken in foar-

gonger fen de Steatstsjerke en ien fen de Mennisten, ta de wearlizzing fen de leare fen de lêsten, dy't de Sinoade fen Fryslân achtet wolven yn de skieppestâl fen Kristus to wêzen.

Willem Loadewyk :

In dispút? Ho wol men soks mei wirden útmeitsje? Ho lang moat det dûrje?

Van Reid :

De Steaten bigreatsje it op ien hûndert-en-fjouwer-en-tweintich ûren alles meïnoar.

Willem Loadewyk :

Ien hûndert . . . meitsje jo gekheit?

Van Reid :

Alderminst, Heechheit. Der binne folle foarbylden fen sokke disputen. Somlike learde hearen hâlde der tige fen, en it folk rint dêr yn greate smiten hinne.

Willem Loadewyk :

Men kin dochs de steedhâlder net forplichtsje derhinne to gean? Unmûglik. En oars binne myn wirksumheden der yette. Mar hokfor sin hat it? Men wit yn 't foar det de Mennisten der fen lâns krije scille, en det der dochs neat tsjin hjar barre scil. Wy liene altyd jild fen hjar.

Van Reid :

As ik myn bitinken sizze scil, Heechheit, den leau ik det it goeds dwaen kin. Somlike foargongers forgeane fen hillich fjûr om de Mennisten to forneatigjen. In dispút fen ytlike wiken is for de steat faeks de heilsumste foarm fen forneatiging. Oars komme hja faeks ta slimmer dingen.

Willem Loadewyk :

Tige wier. Anderje det de steedhâlder de iver fen de Steaten priizget en jerne syn meistimming jowt. Der moatte waerboargen jown wirde det alles yn goede oarder forrint. De steedhâlder scil faeks by steat wêze in diel fen it dispút by to wenjen. En fierders?

Van Reid :

Fierders, Heechheit, is der tynge fen ús bitrouden det hear Roarda in rede hâlden hat oer de needsaek de Fryske frijdom heech to hâlden en ta heil fen it lân, frede mei Spanje to sluten.

Willem Loadewyk :

Det haw ik forwachte. De hâlding fen de Steaten?

Van Reid :

Syn oanhing dy't lykwols lytser is as men tocht, fêstbiret en fol bitrouwen. Us minsken fûl tsjin; hja kinne de saek yet in wike ophâlde. In great part, faeks it meartal, ûnwis hinne en wer geand. Yn it miene waechst de ôfkear fen de Uny mar ek it oansjen fen jins Heechheit.

Willem Loadewyk :

Fen det oansjen scil ik my gjin hege forwachting meitsje. Al scoe it de mjitte fen it minsklike to boppe gean, as it hjar slagget de namme Fryslân en it bigryp Fryske frijdom op to roppen as krêften tsjin my, den wit ik hwet swierst wêze scil. Hja binne der net for weromskrille dêrmei Karel V sels to liif to gean; safollesto minder dit steedhâlderke dy't yn hjar eagen in Dûtsk potestaetsje is, en dy't ek gjin oar oansjen hat as dy fen syn libben en syn wirk. Mei de himel my dêrfor biwarje det ik needsake wird to dwaen dêr't Karel V him ta needsake achte. God wit ho't dit alles my binearet.

Van Reid :

Jins Heechheit hat mei Gods stipe, mear biswieren oerwoun.

Willem Loadewyk :

It scoe net sa op my weage as dit in biswier wier det men oerwinne koe. Mar it is hwet oars: it is de foarm fen in wêzen det ik eangje bliuwend is. It is net det ik stean scoe as ien tsjin hûndert; it is det ik stean as in frjemd ûnder it folk det my tabitroud is. As ik yn Fryslân bin, waret it fen alle kanten om my hinne: soan fen it útlân, holang tinkstû hjir to toevjen? As ik útgean en stêdden win en tink ik striid for de frijdom fen it wiere leauwe en for it heil fen it folk, fiel ik de stinzen

yn de rêch ôfbroazeljen stien by stien. Ik ken mar ien eangst: dy fen leauwe to moatten ûnfruchtber wirk to dwaen. Miskien is it de Kristen ûnweardich, mar de minske yn my ropt det hy to folle offere hat om syn hope ûndergean to sjen.

Van Reid :

It foeget jins Heechheit to bitinken det Gods wil dien wirde moat, en det de útslach net teld wirde moat, salang't jins Heechheit striidt for hwet hjar oplein is fen de Alderheechste.

Willem Loadewyk :

O, greate prinsen fen it Kristendom, hwet bin ik yet lyts! Ja by God, lit ús dizze minsklike swakkens ôfskodzje. *(Opkomme in boadskipper en in opslûpen jonge, dy't er efter him stelt.)*

TWADDE TOANIEL.

De boadskipper :

Groetenis fen prins Maurits oan de greve Willem Loadewyk. Prins Maurits lit sizze: ek by him is alles ré ta de striid. Hy achtet lykwols det it jins Heechheit takomt it teiken ta de oanfal to jaen, om't de stêd, wirdt hja woun, ûnder de lieding fen jins Heechheit komme scil to stean.

Willem Loadewyk :

Wy tankje Prins Maurits for dit nije biwiis fen syn frjeonskip en trou, en hoopje ús de ús taleine eare weardich to biwizen. Hjit út ús namme de oerste van der Cornput det er de kriichsljue opstelt. Wy winskje hjar ta to sprekken foar de striid. Hwa fiere jo dêr mei jo?

De boadskipper :

Om't jins heechheit bifel jown hat, men scoe alle spionnen foar hjar liede, haw ik dizze skarlún meifierd. Men hat him foun by ien fen de skânsen wylst er alles neisneupte en bisocht forhoalen to bliuwen. Hy die syn bêst as in lânsman to praten, mar is sûnder mis in oerbringer.

De jonge :

In oerbringer, dû loebes! Bûter, brea en griene tsiis, ast det net sizze kinst, bist gjin oprjuchte Fries! En ast*tû* sizze moatst fen rea hird rikke rjirre ljirre, slacht de tonge dy dûbeld yn 'e tût!

Willem Loadewyk :

(Mei in sucht.) It is sûnder hokfor twivel in Fries. Jo kinne gean. — En wolstû my nou ris fortelle jongkeardel, hwet it bitsjut detstû yn dizze dracht dy't der op liket to wizen detstû sa efter de kij weiroun bist en dy't elts soldaet wêze scoe ta skande, dyn bêst sa dochst om in kûgel fen de Spanjoal ef fen ús eigen folk op to rinnen. Hwa bistû?

De jonge :

Ik hjit Pier Lolkes en ik bin in Boxumer.

Willem Loadewyk :

(Mear oerein.) In Boxumer! Yn 1586 . . .

Pier Lolkes :

Do wier ik yet mar in jonge, sa'n seis jier. Mar Heit en Wibe wierne derby; Wibe wier myn âldste broer, sjuch; dy wier sauntjin. Hja binne net weromkommen; hja ha oan it lêst nêst findrich Clant stien; dy hie him yn syn findel biwoelle en hat trochfochten oant dy smjunten fen Spanjoalen him delhoud hawwe. Al ús kij en skiep ha hja ús ek ûntstellen. Mar hja ha de pleats net yn 'e brân stitsen, en Mem, dy is hjarsels bleaun; dy is net gek wirden lyk as bûrfrou Janke. En do't dy oerkommelingen foart wierne, do binne wy wer bigoun to boerkjen, Mem en Ane en ik. Mar wy jonges ha fierders altyd mei ús tinzen by de oarloch west. En wy witte nou det jo se ha kinne.

Willem Loadewyk :

Ik ha der to Boxum net by west.

Pier :

Né, den wier it faeks oars roun. En dêr spielde it folk de mûle do raer oer. Mar do't se hearden ho't jo werom kommen wierne, oer it iis fen de Sudersé, do foroare it al hwet. Gûdden seine, Tassis wier sa hird ophoepele om it teiwaer, mar oaren,

om't er wist det jo op kommende wei wierne. En nou, de lêste jierren, ha se nea mear yn Fryslân west. En ynsté dêrfen ha jo dy hounen út hjar smoarge nêsten reage, Delfsyl, en Stienwyk, en Koufirden. Stienwyk, dêr hat Jan Ates by west. En dy kaem werom, en sei: ús steedhâlder is folle kindiger as prins Maurits. Hwent dy woe se der útsjitte, mar jo woene se er útgrave, en sa ha jo se der útkrige, as kninen út it hoal. Wier det sa?

Willem Loadewyk :

Al sahwet. Mar prins Maurits is oars folle kindiger as ik.

Pier :

Det leau ik net, det sizze jo nou sa mar. En nou wit it hiele lân det jo foar Grins lizze, en der is oars gjin praet mear. De wize âlde ljue dy skodzje de holle en sizze: nou weaget er to folle, Grins, det wirdt him to dreech. Mar der is net ien fen ús dy't det leaut. Wy ha in rymke makke, det is sa:

De greve fen Nassauwe,
Dêr kinne wy op bouwe,
Al wanke dea en rouwe,
  Hy hâldt ús Fryslân frij.
Him wolle wy bitrouwe,
Mei him de striid net skouwe,
En Spanje scil bisauwe;
  Mei him oerwinne wy.

En nou giet it om Grins, det is it lêste nêst hjirre, en as det ek reage is, minsken, minsken, den wenje wy feilich yn Fryslân, den komt it nea wer sa't it earder west hat!

Willem Loadewyk :

Den boerkje de Friezen fredich fierder, en de greve kin gean . . .

Pier :

Hwet bidoele jo? Tinke jo det wy net trou bliuwe scille dy't ús trou west hawwe? Tinke jo det ús folk jo ea wer gean lit?

Willem Loadewyk :

Help my oerein, van Reid. De greve moat hwet op dy steune, Pier. Dy âld skonk fen mines spilet wer sa op syn poat.

Pier :

Det ha jo skipe foar Koufirden, nou?

Willem Loadewyk :

(Sêft.) Det wier foar Koufirden. *(Hy giet steunend op Pier nei de útgong fen de tinte rjuchts. Tromgeroffel.)*

Willem Loadewyk :

(Foar de tinte.) Ofsiers en soldaten fen de Steaten fen Fryslân, striders allegearre! Mei folle offers, mei greate moed ha jim safier dizze lânsdouwen frijfochten fen de tirannije dy't hjar bidrige. Yn de krêft Gods binne jim gien fen winst ta winst. Nou, efter hjar grêften en wâllen, leit hjir it lêste skûl fen de fijannen yn it Noard, nou steane jim foar Grins. Trije dingen binne it dêr't wy goed en bloed for jowe: foarst, det elts God tsjinje mei bûten twang fen minsken, yn de frijdom fen syn gewisse; oard for it heechhâlden fen de rjuchten dy't fen âlds dizze lannen eigen west hawwe; mar tred for detselde det ús eagen opskimerjen sjugge út 'e bitizing fen 'e tiden: de bloei en de woltier fen it lân det wy biwarje yn de ljeafde fen ús herten, for ús heitelân.

Foarút, myn tige striders, allegearre, foarút! Dizz' kear winne wy de hege stêd fen it Noard, dizz' kear winne wy Grins! *(Fanfare; sjitten.)*

— Doek. —

FYFTE TAFRIEL.

Seal yn it Lânshûs. Deputearre Steaten yn gearkomste. Roarda, Cammingha, Grovestins, Hemmema, Winia. Cammingha sit foar. Willem Loadewyk sprekt hjar ta.

Willem Loadewyk :

Oanbilangjend de trije punten dêr't de hearen Deputearren hjar foar de Steaten oer útsprekke wolle, dit. Foarst, det de Steaten de steedhâlder hjar tank bitsjûgje scille oer de oan de lânsdouwe fen Fryslân biwiisde tsjinsten. Ik for my haw jimmer bisocht suver to stean foar God en mysels oer, en forstien det ik net wêze mocht in siker nei minskeginst. Lykwols wirdearring fen hwet ik mei Gods stipe dwaen mocht as steedhâlder for dit lân, kin ik allinne bliid mei wêze. Foarbihâlden altyd det de wirdearring wier is en út it hert komt, det hja net in foarmlike frjeonlikens is mar de utering fen de trou dy't yn slimme tiden ûntstien is twisken dizze lânsdouwe en my, en dy't fen myn kant nea britsen wirde scil.

En nou oergeand ta it twadde punt det de ynstruksje fen de steedhâlder tonei net mear ôfhinklik wêze scil fen de miene goedkarring fen de Ginnerale Steaten en de Steaten fen Fryslân, mar fen lêstneamden allinne, moat ik dit for myn persoan ûnoannimlik forklearje sûnder foarbihâld. Myn laech, myn libben, myn trou scoe ik forljeagenje moatte as ik dêryn meigyng. As feint bin ik foarme ta strider en bistjûrder ûnder de lieding fen myn heech foreare omke, de prins fen Oranje. Wy jongere leden fen syn hûs, learden fen him yn it neikommen fen ús ropping, yn de tsjinst fen de saek fen it folk, ússels net to tellen. Mar net allinne syn foarbyld, ek syn stribjen is yn ús herten bisonken. Dit stribjen, it is jim allegearre bikend, wier rjuchte op twa dingen dy't for him ien wierne, de frijdom en de ienheit fen de Lege Lannen. Gods wil wier net det dit stribjen komme scoe ta libben, alteast net yn dizze tiid; lykwols hat yn de Uny it wêzen fen det stribjen in foarm oannommen. Forwachtsje fen in Oranje net det er derta meiarbeidzje scil de ienheit to skieden en to ûntbinen, hwaens stifting him taliket de godlike ropping fen syn hûs west to hawwen.

Myn hâlding oer it tredde punt, it bliuwen fen dizze lânsdouwe yn de Uny al ef net, is hjirmei teffens forklearre. De forantwirdlikens yn dizzen rêst by de Steaten fen Fryslân, net by hjar tsjinder. Mar it mei ek in tsjinder forjown wirde as hy opkomt for de wierheit en trouwe fen syn lêstjowers. Yn tiden det Fryslân slim bineare waerd fen de Spaenske tirannije, is de rop gien nei de stipe fen Hollân, nei de ienheit fen de Uny, nei de lieding fen de Oranjes. Nou't dizze bidriging oerwoun is for Fryslân mar for de Uny yet foartbistiet, kin it nou yn it lyk brocht wirde mei de eare en de trou fen Fryslân as it giet en it boun mei de oaren brekt? Hie ik it rjucht to anderjen op dizze frage, it andert scoe my net twiivlich lykje.

Myn bitinken haw ik hjirmei útspritsen. Swier scoe it my falle de bân twisken Fryslân en my tobritsen to sjen. Det it gjin Fries is dy't hjir spritsen hat, noch jim noch ik scil det forjitte. Ik mei Fryslân net myn heitelân neame yn de sin dêr't jim det yn dogge: yn in oare kontrei stie myn widze, yn in oar formidden haw ik jonge en feint west. Mar de man hat jim striid meistriden, hy hat him ien field mei jim folk en jim lân, en syn lokkichste ûren wierne it as it fen wearskanten forgetten like to wêzen det er frjemd wier. Wy lykwols hawwe alle eare en alle lok as rintmasters fen ús God en moatte ré wêze ôfstân to dwaen op de ûre dy't Hy dêrfor steld hat. Det dy ûre for my tichteby wêze kin, dêrfen jow ik my rekkenskip.

Mei jimme plachtsjen en bislút wêze ta it heil fen it lân det jimme en my nei is. God hoedzje jimme en hiel Fryslân.

(De Steaten geane oerein.)

Cammingha :

De Deputearre Steaten tankje Syn Heechheit for de like kleare as fortsjinstlike wize dêr't hja hjar bitinken op nei foaren brocht hat. Eft hja meigeane yn dit bitinken, scille hja op it gaust to witten dwaen. *(De steedhâlder giet.)* Ik jow hjirmei de trije punten yn bisprek.

Hemmema :

Heechachte foarsitter. Yn it fêststellen fen myn hâlding

ûnderfyn ik net de minste biswieren. Ik stút my hielendal by it bitinken oan fen syn heechheit, dy't like folle útblinkt yn de redekinst as op it slachfjild, ja yn alle ding in sieraed is for Fryslân. Ik moat sels myn argewaesje útsprekke det it nedich achte is hjir soksoarte kwesjes oan 'e oarder to stellen. Soks kin net oars as it wirk wêze fen oerstjûre en forbline ljuwe, fen hwaens ûnsillige oermoed, heecheale foarsitter, it laech dêr't ik út berne bin, foar en nei al genôch lijd hat, en dy't nou hjar drystens sa fier trochsette det hja hearskje wolle oer hiel Fryslân. Hwent sûnder ús to forliezen yn neatsizzend gebear oer Fryske frijdom, de saek stiet sa. As it slagget de greve hjirwei to wrotten — ja wrotten neam ik it, lyk as ek de mol ûndergrounsk yn de ierde wrot, — hwa scil it hjir den to sizzen hawwe yn syn plak? Fensels hja dy't nou dwaende binne him to reagjen út 'e hichte, dêr't er troch de seine Gods en syn eigen foarbyldige fortsjinsten ta klommen is. Josels, eale foarsitter, frijhear fen in lyts mar dêrom net ûnoansjenlik gebiet, scille my better forstean as ien fen de oaren hjirre, as ik siz det in ûnbitocht oantaesten fen in goed biwâld stridich is mei Gods wil en minskene wet, binammen as soks bart fen ljuwe dy't men waerhoannen en wiffe bruijers yn it steatkindige achtsje moat. Ho mear ik my jow yn de wearde fen de man dy't nou oan it haed stiet en yn de ûnwearde fen hjarren dy't tsjin him kûpje en dy't ik it rjucht ûntstriid út 'e namme fen Fryslân to sprekken, ho mear ik tinke moat oan dy minsterlike gearswarring fen Catilina dêr't de skiedskriuwers fen Rome ús fen birjuchtsje. Lyk as ienris Rome opskrille fen de Catilinisten, sa moat nou ús wachtrop wêze: Weits, Fryslân, weits for de Caroroardisten! Heechachte foarsitter, mei it for jo, hwaens útnimmende wetkindigens de biwûndering hat fen allegearre, weilein wêze as in oarde Cicero dit dwylsinnich woedzjen to stuitsjen!

Cammingha :

Alhowol't, heechachte Hemmema, de rjuchten jimmer myn tige foarljeafde hawn hawwe, sa rjuchtfeardigje myn fortsjinsten yn dizzen, eangje ik, dochs net det ik yn ien siken neamd

wird mei in ljocht lyk as de greate Tullius. Ik mei tagelyk de oare sprekkers forsykje hjar to ûnthâlden fen hwet in erchtinkend minske biskôgje koe as persoanlike styklichheden.

Karel Roarda :

Yn dit stik, foarsitter, achtsje ik net det immen fen ús de fine geastigens fen de eale Hemmema oertreffe kin. Ik bin wol wis det nimmen oanstriid ha scil it to bisykjen. It is ús wol dúdlik det men, bisykjend in Plautus op side to krûpen, maklik in nar fen yensels meitsje kin.

Hwet oanbilanget de ús foarleine punten: de greve hat wiisd op de greate wichtigens fen dizze ûre. Mar hja is wichtiger as sels hy ús oantsjut hat. Hy hat spritsen oer de hâlding fen ien minske, oer hwet dy iene nei oan it herte laei; lykwols, oer de wei fen Fryslân bislute wy. Hwa't Fryslân en de greve nêst inoar stelt, hy moat it fenselssprekkend achtsje det wy, oan hwa't Fryslâns lot tabitroud is, it bilang fen in folk hûndertris sa swier weage litte as de wirdearring fen ien minske. Ommers de greve is kommen en scil gean, itsij troch ús ef troch de natûrlike ein fen alle libben, mar it folk fen Fryslân bliuwt.

De fortsjinsten fen de steedhâlder achtsje ik great en jerne sprek ik dêrfor wirdearringe en tankberens út; lykwols, sa scoe ik stean foar eltsenien oer dy't syn plicht goed en trou neikommen wier. Us drôve ûnderfiningen mei earderen, ús biskikt fen de prins fen Oranje binammen, hawwe laet ta blydskip oer de tigens fen dizze, yn hwa't de Steaten fen Fryslân hjar net forsjoen hawwe do't hja him harren rôpen. It foeget de earste tsjinder fen de Steaten yn de wearde fen de tsjinsten dy't er ús biwiist, de earste to wêzen; de greve hat det west, en det hat rjucht op wirdearring lyk as alle goed wirk; lykwols, mei minder to dwaen scoe hy ek yn forsom west hawwe.

Mar nou is it nedich acht to jaen op de wei fen Fryslân, dêr't de wirdearring fen ien minske net oer bislute mei. Hwent hwa't hjar jown hawwe yn de skiednissen fen ús folk, witte det wy Friezen, heechhâldend ús Fryske frijdom, bytiden wol hilde dien hawwe oan hearen út it útlan, mar allinne ynsafier't it

bilang fen it folk det meibrocht. Lykwols, wier der neat det ta soks twong, den hearske de Fryske frijdom, de rjuchtlike en natûrlike tastân fen ús folk ûnformindere. Sa ek hawwe wy de greve harren roppen det er de saek fen ús folk skewiele scoe; lykwols de bidriging fen Spanje oerwoun, heart de âlde en natûrlike tastân fornijd to wirden; en omdôch wier alle striid en offer, as dizze frijheits-striid tsjin Spanje for Fryslân net oars bitsjutte scoe as it fordriuwen fen de iene hearsker en it ynheljen fen de oare. Safier is it kommen det it genôch is yen to forklearjen tsjin de hearskippij fen de greve, om de biskildiging fen heechforrie to fornimmen. Mar al scoe ik dêrfor to biteljen hawwe mei myn holle, for my is it iennichste heechforrie det weacht, it heechforrie foar Fryslân oer. It is om't ik net it sels-forwyt ha wol oan det forrie skildich to stean, det ik my kantsje tsjin de nije hearskippij yn Fryslân. Ik wit it, en it is ús skande, wy meitsje it de steedhâlder licht. Us fordieldens sels, de skelen twisken de goaën, twisken it lân en de stêdden, makket syn macht sterker. Dit forklearret, it rjuchtfeardiget neat. Fryslân's wei is dy skelen to oerwinnen en sels ta nije macht en frijdom to kommen.

Sprekkend as Fries en allinne as Fries, forklearje ik my dêrom tsjin alle machtsforgreating fen de steedhâlder. Yn it bysûnder forklearje ik my tsjin de bining fen de steedhâlder oan in ynstruksje fen de Steaten Generael. Dêrtroch ommers bliuwt de forhâlding twisken de steedhâlder en Fryslân gjin saek fen Fryslân allinne, mar wirde oaren dêryn bimongen, hwaens bimoeijenisse mei Fryske dingen wy forplichte wêze scille op it strangst ôf to wizen. Is de steedhâlder de ynstruksje fen de Steaten fen Fryslân net genôch, den is Fryslân sels him net genôch, den winsket er in biwâld yn en oer Fryslân det lykwols net fen Friezen ôfhinklik wêze scil. Dit is hwet ik forstean ûnder tirannije. For my is de Fryske frijdomsstriid dêrmei forlern en de saek fen Fryslân forret.

Ditselde bislút oer it plak fen Fryslân yn de Uny. Is de Uny in boun twisken lykbirjuchtigen sa det elts fen de dielnimmers syn frijdom bihâldt, den hat it gjin sin hjar fen to foaren oan to nimmen ef ôf to wizen; den bislût it Fryske bilang. Mar bit-

tere ûnderfining hat ús leard det de Uny ûnder de lieding fen Hollân, in macht wêze wol boppe Fryslân. Fennijs: it foeget gjin Fries dêrta mei to arbeidzjen. Moat de Fryske frijdom to neate gean, net trochdet wy sels hjar forret hawwe. De steedhâlder hat sein det der by it ôfwizen fen de wei dy't hy gaedlik achtet, gjin plak mear for him wêze scil yn Fryslân. Ik wit, det wirdt dy wei folge, der gjin plak mear wêze scil for my. Mar by de namme fen Fryslân sels, biswar ik jimme: nim net jim bislút neffens de persoanen. Skôgje ús folk, ús skiednis, ús frijdom: bislút dêrneffens.

Grovestins :

Ik winskje my to ûnthâlden fen skiedkindich en learstellich geredendiel, mar de saek to sjen lyk as dy is. Der moat regear wêze, ek yn Fryslân. Den is der nedich in souverein en in folksfortsjintwirdiging. Det lêste binne de Steaten fen Fryslân; it plak fen de souverein is sûnt de ôfswarring fen de kening fen Spanje, leech. It forskeel twisken de lêste sprekker en my is dit. Hy liket it mûglik to achtsjen det de souvereiniteit lizze scil by de Steaten fen Fryslân allinne. Dizze Steaten ken ik en ik bitrou hjar det plak net ta. In souvereiniteit by de Uny, fortsjintwirdige troch de steedhâlder dy't tagelyk rekkenskip skildich is foar Fryslân oer, liket my op dit pas de iennichst mûglike wei. Ik bin dos foar de greate ynstruksje en foar it bliuwen by de Uny.

Winia :

Ik mei lije det wy nou hast oan 'e ein binne, hwent al det praet bringt ús gjin grevel fierder. Sa as Fryslân dêr de lêste jierren foar stiet, is it sa min yet net. De boeren ha in skoan gemaek, en de hannel fortsjinnet goed. Det kin om my wol sa bliuwe. Op 'e steedhâlder haw ik mar ien ding tsjin: det er gjin wiif hat. As lid fen Deputearre Steaten sjucht men by in amptlike bisite jerne in romer flûnkerjende wyn en in gnap frouminske as gastfrou. De man is my fierders bêst, mar dêryn moast er him foroarje. Lykwols, wy kinne der min op oanstean; as men in mûs op it spek bynt, wol er der net fen frette. En as de steedhâlder gjin wiif wer ha wol, ei nou, miskien ha

gûdden fen ús wol twa. *(Cammingha hammeret.)* Fensels, jim wolle nea det men de dingen by de namme neamt. Mar tsjin Roarda wol ik dochs yet in wird sizze. Hy is de bêste Fries dy't hjir is, mar hy is in dreamer. Ik ha myn bytsje Gryksk aldergeloks al lang wer forgetten, mar fen de idéën fen dy âlde gek Plato wit ik yet, en Roarda is by my sa'n idealist, scil ik mar sizze. Dy tinkt det in Fries mei syn Fryske Frijdom libbet en stjert. Man, hwet de Fries wol is ite en frije en fortsjinje, lyk as elts minske. In goed stik brea en in bêst wiif, dêr giet it by út. De steedhâlder en de Uny, kluchten allegearre! Mar wy bifine ús der goed by, en dêrom, lit it sa bliuwe.

Cammingha :

Op jimme foarsitter fen hjoed, eale hearen Deputearren, rêst den de plicht as lêste syn bitinken to neamen. Ik wol jim iepen sizze det it in swier stik for my is ta in bislút to kommen, en bistie der yn de steatkinde eat as meilijen, den scoe ik dêrop by jim in birop dwaen, hwent in slimme twastriid binearet my. Likernôch lyk as yn det selsume dicht de Odyssea, sein wirdt fen de keine frouwe Penelope, as it hjit:

ὡς καὶ ἐμοὶ δίχα θυμὸς ὀρίνεται ἔνθα καὶ ἔνθα,

en dit bitsjut: sa wirdt ek my it hert yn it boarst hinne en wer slein. As Cammingha, kin ik dy twastriid net ûntwike. De skiednis fen ús hûs dochs is gearweve mei de skiednis fen it Fryske folk, en for de Fryske frijdom dêr't de eale Roarda sa treflik oer spritsen hat, ha wy jimmer to skoar stien. Mar ek, as frijhear fen it Amelân, forstean ik de needsaek fen biwâld en achtsje ik de monarchale macht forkieslik.

De hear Roarda mei fen my forstean det ek ik yn Fryslân jerne de ûnforkoarte macht yn it steatkindige yn Fryske hannen seach. Mar mei de eale hear Grovestins achtsje ik it tige bitinklik dizze macht yn de hannen fen de Steaten fen Fryslân to sjen. Scoe der in wei foun wirde dy't dizze twa bitinkens forienige, dy't in Frysk bistjûr net ôfhinklik stelde fen safolle hollen en sinnen, ik scoe my der faeks mei fine kinne. Ik slút my oan by de greate sjonger Homerus, hwaens wirk

ik for my net folle leger stel as de Hillige Skriften, as er seit:

οὐκ ἀγαθὸν πολυκοιρανίη εἷς κοίρανος ἔστω.

det sizze wol: in biwâld fen follen is tsjoed, ien sij mar hearsker.

Op dizze wize is myn moed fordield, en wier it mûglik, ik scoe ek myn stim fordield útbringe. Nou't soks net kin, sjuch ik my needsake, hwet swierst is swierst weage to litten. Mei in foarbihâld yn myn hert, det lykwols net ta utering komme kin en mei yn myn stim, moat ik my ienriedich forklearje mei hjar dy't hjar oan de kant stelle fen de útwreide ynstruksje, en it Boun mei de Uny.

Ik doch it útstel de bisprekken hjirmei to sluten. Mei jimme goedachtsjen gean ik den oer ta it lûken fen de konklúzje.

Ik stel den fêst, det de Deputearre Steaten oardielje lyk as neikomt:

mei miene stimmen; hja achtsje foechsum det de Steaten de greve Willem Loadewyk utering dogge fen hjarren tank for de treflike tsjinsten, fen him oan it lânskip Fryslân biwiisd;

mei de stim fen de hear Roarda tsjin, de oaren foar: hja achtsje det de ynstruksje fen de steedhâlder tonei lyk as foarhinne, ôfhinklik wêze scil fen it bislút fen de Steaten fen Fryslân en de goedkarring fen de Steaten Ginnerael;

mei de stim fen de hear Roarda tsjin, de oaren foar: hja winskje det it lânskip Fryslân yn deselde forhâlding as oant nou ta, bliuwt by it boun mei de Uny.

— Doek. —

SECHSTE TAFRIEL.

Stins fen Karel Roarda yn Idaerd. Frouwe Roarda oan it weevjen, Juw Edinga lêzende. It bigjint to skimerjen.

Frouwe Roarda :

It lêzen scil langer ek net mear tafalle, hear Edinga.

Edinga :

Noch it weevjen, frouwe Roarda. De dagen winne oars moai. Wy geane de goede tiid wer yn 'e mjitte. Yn it hôf jowt alles him wer ta de Maitiid.

Frouwe Roarda :

De natûr is better as de minsken. Op de natûr kin men oan.

Edinga :

Wy lêze det God de minske skoep as de kroane ta syn skeppingswirk.

Frouwe Roarda :

De sûnde woedet slimmer yn de minsken as yn de natûr. Gjin bliere wirden fen in gastfrou, hear Edinga. Mar troch de moaiskyn fen de foarm scoene jou skerpe eagen dochs de kâlde wierheit sjen. Yn de saun jier det jo om utens wierne, is ús op Roarda-State net folle fleur oerbleaun.

Edinga :

Ik foun hear Roarda gâns foroare en forâldere. Ik waerd kjel do't ik him for it earst werseach.

Frouwe Roarda :

Myn eale man is siik, nei it lichem en de geast. For it lichem lit de Hear syn krûden waechse, en wy scoene sûnder klacht drage hwet ús dêryn oplein waerd. Mar de swiersettigens dy't syn geast oantaest, binearet ús.

Edinga :

Ik hie net tocht det de omkear yn syn libben him sa nei gean scoe.

Frouwe Roarda :

Hear Edinga forsint him as er tinkt det it forlies fen syn plak en ynfloed myn man sa rekke hat. Yn de wrâld praet men der sa oer, ik wit it, mar it is ûnwierheit. Noch om eigen tobekset, noch om de winst fen syn tsjinstanner lijt myn man; dy lytsens hat yn syn siele gjin plak. Mar hy kin net hinne komme oer hwet er it forried fen syn lânsljue achtet oan de saek dêr't er for stried.

Edinga :

Dit moat him djip wounje; en dochs, yn it hûs det him ljeaf is . . .

Frouwe Roarda :

Myn skild is it, ik moast de krêft ha myn man de libbensmoed werom to jaen. Mar it slimme is, wy bliuwe sa fier fen inoar ôf. Ja, dêr swijt men oars oer. Mar tsjin in frjeon for hwa't neat yn ús libben frjemd is, mei ik dochs wol uterje hwet ik oars allinne neam yn myn bea oan de Alderheechste. Hear Roarda en ik, wy ha nea in wird skeel hawn. Mar it libben fierde him in wei lâns dêr't ik him net folgje koe. Yn de dingen fen de tsjerke en fen de steat, stiet de frou bynefter. Hja sjucht hjar man wegen gean, hja folget him mei de eagen en mei it hert, mar hja kin net nêst him wêze. Ik haw it ek nea bisocht, hwent de Hear hat man en frou elts hjar wei wiisd, en hja binne net deselde. En ik haw ek forstien, for myn man kaem syn ropping foarst. As myn hert ris lange nei ynlikens, uterje koe en doarst ik it min. Ik leau, beide kinne wy de holle rjucht hâlde. Mar oer him, op syn wei is in skaed fallen; ik sjuch it, en kin it net mear fordriuwe. Mar ik bid det Hy dy't alles kin, it yet ienris weinimme scil.

Edinga :

Gjin bea scil wisser forheard wirde as dizze.

Frouwe Roarda :

Gods wil sij dien. Mar for my, al is it leed great, is dit faeks yet net it slimste. Myn libbenswei rint del; mar der binne oaren hwaens wei opgiet, en ek hja geane hjirûnder bûgd.

Hear Roarda en ik ljeavje tige syn omkesizzer, syn genamt Karel; ús dy't sels gjin bern hiene, is hy as ta in soan wirden. For him koe it libben nou iepen lizze. Yn dizze gritenij fen Idaerderadiel dêr't ús laech sa oan forboun is, scoe hy ienris komme kinne to stean yn it grytmansplak fen myn man. Mar dêrta moat Karel oan it steatslibben dielnimme. En myn man winsket net det hy dêrta de steedhâlder syn tsjinsten oanbiede scil.

Edinga :

Sa djip gappet for him de spjalt dos yette.

Frouwe Roarda :

Sa djip, ja. Om ús allegearre hinne, tink ik wol ris, rinne en gapje de spjalten. Wy binne allegearre sa iensum, sa allinne. It libben is mar koart en great is de ivichheit. Mar hwet scoe it moai wêze as de brêge fen de ljeafde yn dit libben ús makliker ta inoar brocht. Myn ûren binne faek fol tinzen en gemimer, en myn libben is wirden as ien greate skimerjoun. *(Opkomt Roarda.)*

TWADDE TOANIEL.

Roarda :

Joun, Edinga. Jo alteast forjitte ús net. Jo komme út Ljouwert? Nijs?

Edinga :

Gjin oar as det prins Maurits, seit men, in fjildtocht ûndernimme scil yn it Súd.

Roarda :

En oer Fryslân?

Edinga :

Neat det my foarstiet.

Roarda :

Sa scil it trochgean: oer Fryslân gjin nijs. Wy ha ús útskeakele út 'e stream fen it libbensbarren, wy rinne oan 'e lied-

bân fen oaren. Wy ha de moed net hawn ta de eigen wei; nou wirde wy forgetten. Hwet liezen jo?

Edinga :

Us âlde wetten yn de útjefte fen hear Hidde van Cammingha.

Roarda :

Hear Hidde: oars moat men him net mear neame. De dei is foarby det de namme fen Cammingha de treflike man ta in eare wêze koe. It laech scil fordroegje en útstjerre, yn hjar frije hearlikheit dêr't hja sa greatsk op binne det hja it heitelân forriede. Mar hwa forret Fryslân net? Ik tocht op myn kuijer: men kin dit net yn de skild fen ienlingen bifiemje. Fryslân forret himsels. Hawwe jo de karren fen de Opstalbeam lêzen?

Edinga :

(Oanheljend): . . . dat wi se alle mene in rede ende in dede, mit live ende mit guede, uzen fridoem to bihalden.

Roarda :

It lûd fen de frijdom yette; sels nou is it as de stimme fen it libben oer dit tsjerkhôf fen Fryslân. Mar de Opstalbeam gie toneate. Ienris yn de Pinksterwike kamen hja gear to plachtsjen. Hja hiene plachtsje moatten al de tiid fen it jier, dei en nacht, det neat as Fryslân mear yn hjar tinzen libbe. As ien it bettere wiisde, achten hja, moast men det hâlde en it mindere farre litte. Hja bitrouden op de minsklike geast, op de minsklike trou; hja wisten net det it minsklik hert hinne en wer swypke wirdt as in reid yn de wyn, en út himsels lytse wearstân hat tsjin it tsjoede. Do yette hie it mûglik west, in ien, sterk en frij Fryslân. Ek yn ús tiid wier it mûglik. Mar men keas it mindere en liet it bettere farre. It is net it rjucht det wint, it is de macht. Myn wei is nou ôfroun. Scoe ik yetris it heitelân fordigenje moatte, dit scoe nea mear út myn tinzen wêze.

Frouwe Roarda :

Scil ik freegje det men it jounmiel ré set yn de gastseal, Roarda?

Roarda :

It is goed, ek neef Karel komt yette oan, hat men my sein. Oer de âlde fortretlike saek eangje ik. Ik kin it net goedkarre. Hwet forkeard is, det meije wy net stypje. Mar jim wolle him wol by it jounmiel ûnderhâlde. Iksels bliuw hjir ljeafst, ik bin hwet wirch fen de kuijer.

Frouwe Roarda :

It wier safolle moaijer as ek jo ús gasten selskip hâldden.

Roarda :

Hja wolle my wol ûntskildigje. Nei it jounmiel kinne wy hjir yette petearje. *(Frouwe Roarda giet.)*

Edinga :

Roarda, eale frjeon, ik hoopje det jo it goed nimme as ik in inkeld wird siz oer de saek mei jou neef dêr't jo niis op doelden. Is it goed en slút him de wei troch it libben dy't oars sines wêze kin, op dizze wize ôf? En is it nedich? Ik wit, tsjin de greve as minske hawwe jo nea nin wrok hawn. Kin it immen oars as ta eare wêze mei de steedhâlder Fryslân to tsjinjen?

Roarda :

Nimmen, as de wei fen de steedhâlder de wei fen Fryslân wêze koe. Wy, dy't striden hawwe en forlern, witte ho fier dy twa út inoar rinne. Lâns de wei fen tsjintwirdich scil Fryslân oanfretten en ûntfryske wirde oant de dea dêryn biroppen is.

Edinga :

Wy hawwe forlern sizze jo; det is wier. Mar ienris seine jo ek, it libben en wirk fen de greve wier boun oan in tiid; en ek det wier wier. Minsken komme en gean, mar it heitelân bliuwt, en it wirk fen de Skepper giet troch ek oan Fryslân. Mei it forline bislute oer de takomst?

Roarda :

It forline wit en ken ik; op bitterens genôch is it my kommen to stean. De takomst is ûnwis. Ho kin ik my liede litte fen hwet my forhoalen is? En kin ik oars as oardielje neffens hwet iksels meimakke haw?

Edinga :

Mar is bitrouwen yn de Skepper ek gjin bitrouwen yn Syn wei yn de takomst?

Roarda :

As men mar leauwe koe ... Op myn kuijer niis seach ik it nije libben rounom, oan de wei, yn de lannen, yn it hôf; as sa nij libben, Frysk libben wekker waerd yn Fryslân ... Ik bin wirch, frjeon. De Maitiid grypt my mear oan, as ik, foriensume minske, tocht. Miskien wolle jo nou myn neef bigroetsje, dêr't jo sa goed for pleitsje ...

Edinga :

Lit my net omdôch pleitsje, Roarda. Jong libben kloppet oan 'e doar, ek hjirre. *(Giet.)*

Roarda :

(Op in rêstbêd.) Jong libben, Maitiid. Och, eft it Fryske Maitiid wier ... Och eft der wer bloei kaem yn it âlde hillige libben, ho den ek ... Och efstû libbest as in blom op it fjild, ta nije skientme wekke yn it âlde wêzen. O Fryslân, Fryslân, Fryslân ...

(It is tsjuster wirden. Linkenoan skimeret it op ien sté ljocht troch. It ljocht wirdt sterker. Men sjucht in keine frou, fjildblommen yn it bloune hier, yn hjar klaed de Fryske Pompeblêdden.)

Fryslân :

Fortwiivlje net, dû Roarda, trouwe strider;
Bûg net, astû my sikest, del ta 't grêf,
Noch tink net det yn skriften fen 't forgiene
Myn trêft allinne yn eale súvrens blinkt;
Ik libje, ik hoopje en langje en wrakslje fierder,
En my is djûrder as hwet gie, hwet komt.
Dûsels, myn ljeaver, rôp ik ta in striid
Hirder as mannich minske weardich draecht;
Hwent stridend for myn frijdom, wierstû net
Lyk astû hopest d' earste fen in dei
Hwaens read al moanjend opljochte oan de kym,

Mar dy wier dit bitroud, op tiid'ne krieming
Lêste to wêzen fen in wrâld dy't gyng.
Dy scil de neiteam neame yn ljeavjende oantins
As lêste fen de greaten yn hwaens hert
Myn earder frijdom libbe as ienichst wyt;
En hwa't de namme fen de kenings neamt,
Hwa't Redbad priizget, hwa't de helten earet
Dy't strieden tsjin de hearskip fen in frjemd,
Dy tinkt om 't hillich boun fen d' Opstalbeam,
Hy scil ek Roarda neame en warje yn 't hert.
Tank for dyn trou, dyn moed, dyn djippe ljeafde,
Dêrstû in greate tiid great mei bisleatst.
De lêste wierst; mar sa't de lêste draecht
Fen hiel syn skaei de striid, de langst, de hope,
Sa sjucht er, lyk in wytger fen de berch
Ek foar him lizzen nije ljocht-lânsdouwen,
Dêr't hy ta neijere, mear as hokfor oar;
Sa ek waeit oer dyn lette wei myn Maitiid,
Sa ek forstiestû nou myn nije moarn.
Ut hwet tsjinstridich wier, scil ienheit rize,
Fen nijs brekt yn it folk myn wêzen út
En klinken hear ik al út kym'ne fierte
It lûd fen him, hwaens sang my wytgje scil,
Yn nije skientme oan nije tiid'ne minsken;
Dû wierst de lêste, mar de foarste komt,
En mei him 't libben dêr't gjin ein fen is
Troch al de tiden dy't ik foar my sjuch;
Gysbert fen Boalsert folget Karel Roarda,
En Fryslân bliuwt bistean troch beider wirk,
Yn striid en sang. Fortwiivlje net, myn trouwe,
Ik bin, ik libje, ik riis ta nije steat,
Mei Maitiid ien mar trou oan 't eigen wêzen.

(Tsjuster fennijs.)

Roarda :

Is bitrouwen yn de Skepper gjin bitrouwen ek yn Syn wei yn de takomst? Wiswier, as bitrouwen mear is as in wird.

(Frouwe Roarda komt mei ljocht.)

Frouwe Roarda :

It is tsjuster wirden, Roarda. Scil ik de kearsen oanstekke?

Roarda :

Ja, bring dû ljocht, en as it ljocht is, kom hjirre.

Frouwe Roarda :

Karel?

Roarda :

By it jounmiel sei ik, scoe ik net komme. Mar siz dû in wird for my, det wy der strak hjirre net mear oer hoege to praten. Det scoe my swier falle. Mar dû meist sizze det myn bislút nommen is. Ik haw gjin biswier det neef Karel him jaen scil yn tsjinst fen de steedhâlder. Mei er him sa hjir syn plak fortsjinje, nei my.

Frouwe Roarda :

God mei jo leanje.

Roarda :

Dy mei er leanje for alles hwetstû for my west hast. Ik haw tocht oan lang lyn, Luts, oan in Maitiid nou tritich jier yn 't forline. Do ha wy inoar trou ûnthjitten for it libben. Hat it dy nea moeid?

Frouwe Roarda :

Nea, Karel.

Roarda :

Hat it libben dy jown hwetstû dêrfen hope hiest?

Frouwe Roarda :

Hwa't jong is, sjucht allinne de glâns fen de sinne. Letter komt de iensumheit fen de hjerst en it leed fen de winter.

Roarda :

En det makket ús hier griis en lûkt de tearen yn ús antlit.

Frouwe Roarda :

As it mar net it hert forhirdet.

Roarda :

Hat det by dy net lijd fen de lange iensumheit?

Frouwe Roarda :

Sims. Mar by my fielt it yet krekt as do. En by dy?

Roarda :

(Mei de hân op hjar holle) : Yet krekt as do. *(Frouwe Roarda gûlt sêft.)*

— Doek. —

SAUNDE TAFRIEL.

Tsjerke to Idaerd, yn healskimer. Men ûnderskiedt de grêftombe fen Karel Roarda. Yn in bank, yn gemimer, frouwe Roarda. De klok let. Nei in toarn komt Edinga op.

Edinga :

Frouwe Roarda . . .

Frouwe Roarda :

Edinga. *(Effen stiltme.)*

Edinga :

Einlings frede. For toalve jier rêste de wapens.

Frouwe Roarda :

Rounom liede de klokken. Ik hearde se fen de stins, Roardhuzum, Aegum, Friens. Do ek Idaerd, ús doarp, Roarda's doarp. Yn Idaerd, lyk as yn hiel Fryslân.

Edinga :

Yn hiel Fryslân, lyk as yn hiel de Uny.

Frouwe Roarda :

En wy twaën hjirre, nimmen as wy twaën. Wy forjitte net, mar de wrâld hat gau forgetten.

Edinga :

Hja kin de wierheit forjitte; mar de wierheit forjit hjar net.

Frouwe Roarda :

Mar de wierheit fen myn man, leauwe jo det dy earne oars bisletten leit as yn jou hert en mines?

Edinga :

Hja leit bisletten yn hiel Fryslân. *(It lieden hâldt op.)* Mei ik in finster iepenje?

Frouwe Roarda :

Biljeaven. *(Ljocht falt troch it iepen finster, oer de tombe fen Roarda; bûten sjongt in ljurk.)*

Edinga :

Maitiid fennijs.

Frouwe Roarda :

As de geast fen myn man earne libje scil, scil it wêze yn de Maitiid fen Fryslân.

Edinga :

As Fryslân him bitinkt oer syn wêzen, den scil it tinke oan Karel Roarda.

Frouwe Roarda :

Altyd is yn de Maitiid ús hope. *(Stiltme; bûten de tsjerke sjongt in frouljueslûd Starter's Nieu Liedeken.)*

Edinga :

It liet fen it nije Fryslân, it Fryslân fen de steedhâlder.

Frouwe Roarda :

In bliid en lokkich liet. It folk draecht de greve op de hannen. Sines is de dei fen hjoed.

Edinga :

Hy hat greate dingen oan Fryslân dien.

Frouwe Roarda :

Hy hat de Spaensken fordreaun, rêst en woltier binne weromkaem. Mar ien ding koe er dochs net.

Edinga :

Hy koe net yn de Friezen it Fryske wêzen weltsje.

Frouwe Roarda :

En myn man dy't det koe, foun him foar him oer. Hwerom?

Edinga :

De steedhâlder moast syn trou heechhâlde.

Frouwe Roarda :

En myn man sines. Mar it rjucht wier by Roarda.

Edinga :

Is net it rjucht by elts dy't syn trou suver hâldt?

Frouwe Roarda :

Ik oardielje nei ljeafde, net nei binlikens. Fryslân hat keazen; mar ienris scil it wer hawwe to kiezen.

Edinga :

Faek wirkje tsjinstridichheden gear ta in ienheit.

Frouwe Roarda :

Tinke jo det men det hoopje kin en dochs trou bliuwe oan Roarda?

Edinga :

Ik bin wis fen al.

Frouwe Roarda :

Hjir komme yet gûdden. Hwa binne dit?

Edinga :

Bihearskje jo. It binne de greve en syn geheimskriuwer.

Frouwe Roarda :

Ik scoe winskje to gean!

Edinga :

It is to let. En faeks moat it sa wêze. *(Opkomme Willem Loadewyk en van Reid.)*

Van Reid :

Hjir is de tombe fen hear Roarda, Heechheit.

Willem Loadewyk :

Frede mei dizze oarde wêze.

Van Reid :

Wy binne net allinne.

Willem Loadewyk :

Frede sij hjarren dy't wy hjir moetsje, jo Edinga, en jo frouwe Roarda.

Frouwe Roarda :

Frede sij jins Heechheit, as hja frede hat ta him dy't ik trou bin.

Willem Loadewyk :

Ik haw jimmer forstien, ek dêr't ik bistride moast. Yn myn hert hat gjin hate west. Mar om't ik forstie, haw ik bytiden eange.

Frouwe Roarda :

Eangje kin allinne dy't tinkt det it rjucht net mei him is.

Willem Loadewyk :

Elts harket nei hwet syn gewisse him seit rjucht to wêzen. Mar it is allinne for in diel, det wy kenne en witte. Oer myn wei hie ik gjin twivel. Mar ik wier in frjemd yn dit lân. Ien to wirden mei in folk dêr't men net út berne is, det is swier. Stegeret in diel fen it folk yen ôf, den wirdt it ûnmûglik. Genôch frjemden hawwe hearske oer Fryslân, foar en nei, en hja binne gien sûnderdet der in spoar fen hjar neibleau. My twong it, troch myn dieden to fortsjinjen det ik yn Fryslân bleau. Do foun ik him foar my oer.

Frouwe Roarda :

En hy bliuwt, Heechheit, salang Fryslân Fryslân bliuwt.

Willem Loadewyk :

For him wier det wis, fen 'e miet ôf oan; hy wier as de groun fen Fryslân. For my wier it ûnwis; ik wier as in stream dy't út oare oarden komt. Mar hjir, en nearne as hjir wier myn ropping.

Van Reid :

Jins Heechheit hat hjar plak woun yn it hert fen dit folk.

Willem Loadewyk :

Det is it heechste en it swierste, mar minder hie neat west. Roarda like my de wei dêrta ôf to sluten. Letter forstie ik it oars. Hie hiel Fryslân west as hy, it hie my net nedich hawn. Mar hy stie allinne, en al it oare *hie* my nedich. Sa waerd it *myn* ropping it folk to foarmjen, det *hy* ljeafhie.

Frouwe Roarda :

Ut it folk det jins Heechheit foarme, kin fennijs de geast fen myn man forrize.

Willem Loadewyk :

Frede sij ús allegearre, frouwe Roarda. Hy en ik, togearre foarmen wy in nije tiid. Us beider nammen scille libjen bliuwe yn Fryslân. En de takomst, dy is yn Gods hannen. As hy syn ropping neikaem en ik mines, hwet scille wy den freegje nei it fierdere? God laet de wrâld en wekket de greate tiden; wy binne roppen ta tsjinjen. *(Stiltme; den heart men it sêfte spyljen, earst fen it Wilhelmus, den fen it Frysk Folksliet.)*

— Doek. —

Fen deselde skriuwer kaem by ús út

FRYSLAN

in stik yn proaze yn njuggen tafrielen.
Priis f 1.25, ynboun f 1.75.